



ACFC/OP/III(2019)003

**RIEJAAND KOMITEE FOAR IT RAMTFERDRACH OANGEANDE
IT BESKERMJEN FAN NASJONALE MINDERHEDEN**

**Tredde advys oer Nederlân¹,
goedkard op 6 maart 2019**

¹ Oant it momint fan publikaasje kinne der noch redaksjonele wizigingen trochfierd wurde.

MANAGEMENTGEARFETTING

Nederlân jout noch altyd in soad omtinken oan it beskermjen fan de rjochten fan de Fryske nasjonale minderheid en hat flink ynvestearre yn benammen ûnderwiis, taal en kultuer. De provinsje Fryslân hat mear foech krigen op it mêd fan ûnderwiis, wat yn dat opsicht it paad sljochte hat foar langetermynbelied. It respektive foech fan de sintrale en provinsjale autoriteiten binne helder omskreaun yn bestjoersôfspraken, dy't regelmjittich troch middel fan konsultaasje toetst wurde.

Wichtichste oandachtspunten binne it tekoart oan leararen Frysk en, mear yn it algemien, de noch altyd beheinde skriuweardigens yn it Frysk. Wat it rjocht om de Fryske taal te brûken yn rjochtbanken en gerjochtshôven oanbelanget, foarmet it tekoart oan Frysk pratende tolken en rjochtbankmeiwurkers in praktyske barriêre foar de effektive ymplementaasje dêrfan. De bestjoerlike weryndieling, wêrby't gemeenten gearfoege wurde, bringt risiko's foar de Fryske taal mei him mei om't it sprekken dêrfan ûnder druk komt te stean. It Riejaand Komitee is fan betinken dat in effektiver rieplachtsjen en dielnimmen fan ferieningen dy't de Fryske minderheid fertsjintwurdige, fan belang binne op alle terreinen.

Nettsjinsteande in lange tradysje fan tolerânsje en iepenheid foar oare kultueren en in grut tal maatregels om in ynklusive mienskip te befoarderjen, wurdt de Nederlânske maatskippij wat langer wat mear konfrontearre mei rasisme, islamofoby en antysemitisme. Ek yn it politike debat fan fêstige politike partijen dûke sa no en dan polarisearjende en ksenofobe útspraken op. Troch it ûntbrekken fan in goed funksjonearjende oerlisstruktuer en besunigingen op de finansiering fan ngo's foar minderheden, ha dizze groepen minder mooglikheden om harren stim hearre te litten en by te dragen oan de yntegraasje yn de maatskippij út harren eigen perspektyf wei.

Roma, Sinti en Reizgers bliuwe útsletten fan it tapassingsberik fan it Ramtferdrach. Dejingen dy't ta dizze groepen hearre, wurde op in soad terreinen mei diskriminaasje konfrontearre, benammen wat húsfêsting oanbelanget. De koartlyn oannommen ferbettere beliedsmaatregels easkje in flugge ymplementaasje op lokaal nivo. It ûntbrekken fan in strategyske oanpak en in effektyf en duorsum oerlismeganisme stiet de ynfiering fan beliedsmaatregels, dy't derop rjochte binne om de situaasje fan minsken dy't diel útmeitsje fan dizze mienskippen te ferbetterjen, yn 'e wei.

Kwestjes dy't mei faasje oanpakt wurde moatte

- **Garânsje dat de ymplementaasje fan de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019-2023 resultearret yn substansjele en bliuwende ferbetteringen fan de rjochten fan persoanen dy't hearre ta de Fryske nasjonale minderheid; garânsje dat de provinsje Fryslân alle nedige middels kriget om de rol fan 'Taalskipper', dy't hja koartlyn op him nommen hat, útfiere te kinnen; hantearjen fan in strategyske en partisipative oanpak op alle gebieten fan taalgebrûk mei bysûndere oandacht foar edukaasje en learare-oplieding, it rjocht om de Fryske taal yn de rjochtbank te brûken en it brûken fan de Fryske taal op telefyzje en yn de printe en digitale media.**
- **Garânsje foar effektive dielnimming fan Roma, Sinti en Reizgers oan de beliedsfoarming en, mei de belutsen belanghawwers, ûntwikkeljen fan in breed belied by de oanpak fan diskriminaasje fan Roma, Sinti en Reizgers op it mêd fan ûnderwiis, de arbeidsmerk en húsfêsting. Yn it bysûnder, krêftige maatregels nimme om gemeenten te skewielen by it ymplementearjen fan it yn juny 2018 goedkarde húsfêstingsbelied.**
- **Befoarderjen fan ynterkultureel respekt en tolerânsje yn de mienskip, ûnder oaren troch it ynstellen fan in duorsume, transparante en represintative struktuer foar it rieplachtsjen fan minderheidsgroepen en skewielen fan maatskiplike organisaasjes fan dizze groepen.**

YNHÂLD

I. WICHTICHSTE BEFININGEN	6
II. BEFININGEN KÊST FOAR KÊST	9
Kêst 3 fan it Ramtferdrach	9
Kêst 4 fan it Ramtferdrach	11
Kêst 5 fan it Ramtferdrach	14
Kêst 6 fan it Ramtferdrach	16
Kêst 9 fan it Ramtferdrach	23
Kêst 10 fan it Ramtferdrach	26
Kêst 11 fan it Ramtferdrach	28
Kêst 12 fan it Ramtferdrach	30
Kêst 14 fan it Ramtferdrach	31
Kêst 15 fan it Ramtferdrach	36
Kêsten 17 en 18 fan it Ramtferdrach	37
III. KONKLÚZJES	39

RIEJAAND KOMITEE FOAR IT RAMTFERDRACH OANGEANDE IT BESKERMJEN FAN NASJONALE MINDERHEDEN

TREDDE ADVYS OER NEDERLÂN

1. It Riejaand Komitee hat it hjoeddeistige Advys oer Nederlân goedkard neffens kêst 26, earste lid, fan it Ramtferdrach en Regel 23 fan Resolúsje (97) 10 fan it Komitee fan Ministers. De befiningen binne basearre op ynformaasje út it lannerapport (hjernei te neamen 'lannerapport'), dat op 11 july 2018 ûntfongen waard, en op skriftlike boarnen en ynformaasje dy't it Riejaand Komitee krigen hat fan kontakten binnen en bûten de oerheid by syn besite oan Ljouwert, Eindhoven, Gerwen/Nuenen en De Haach fan 19 oant mei 22 novimber 2018.
2. It neifolgjende haadstik I befettet de wichtichste befiningen fan it Riejaand Komitee oangeande wichtige kwestjes oer it útfieren fan it Ramtferdrach yn Nederlân. Dizze befiningen wjerspegelje kêst foar kêst de detaillearre befiningen yn haadstik II, dat de bepalingen fan it Ramtferdrach befettet dêr't it Riejaand Komitee wêzentlike fragen by stelt.
3. Yn beide haadstikken wurdt wiidweidich ferwiisd nei de follow-up fan de befiningen fan de monitoaring fan it Ramtferdrach yn it Earste en Twadde advys foar Nederlân fan it Riejaand Komitee, goedkard op respektiflik 25 juny 2009 en 20 juny 2013, lykas de resolúsjes fan it Komitee fan Ministers, dy't oannommen waarden op 12 jannewaris 2011 en 28 maaie 2014.
4. De slotopmerkingen yn haadstik III kinne as basis tsjinje foar de konklúzjes en oanbefellingen oer Nederlân, dy't op kommandewege binne, fan it Komitee fan Ministers.
5. It Riejaand Komitee sjocht der nei út om de dialoach mei de Nederlânske autoriteiten fuort te setten, krekt as mei fertsjintwurdigers fan nasjonale minderheden en oaren dy't by de ymplementaasje fan it Ramtferdrach belutsen binne. Om in ynklusyf en transparant proses te stimulearjen, wol it Riejaand Komitee de autoriteiten mei klam oanmoedigje it hjoeddeistige Advys nei ûntfangst iepenbier te meitsjen.² De autoriteiten wurde teffens útnûge dit Advys en de resolúsje fan it Komitee fan Ministers, dat der oan stiet te kommen, oersetse te litten yn de Nederlânske en Fryske taal en dizze breed te fersprieden ûnder alle relevante aktoaren. It Riejaand Komitee moediget de autoriteiten oan om nei publikaasje fan dit tredde-syklusadvys in follow-up te organisearjen. It Riejaand Komitee is fan betinken dat in dialoach, dêr't de yn dit Advys opnommen observaasjes besprutsen wurde, de fierdere ymplementaasje fan de oanbefellingen befoarderje soe.

² It Komitee fan Ministers hat op 16 april 2009 de regels foar de publikaasje fan it Advys en oare monitoaring-dokuminten wizige, soks mei it each op in bettere transparânsje en it yn in ier stadium dielen fan de ynformaasje oer de befiningen en konklúzjes fan de monitoaring mei alle belutsen partijen (sjoch Resolúsje CM/Res (2009)3 ta wiziging fan Resolúsje (97) 10).

I. WICHTICHSTE BEFININGEN

Monitoaring-proses

6. Nederlân hantearret noch altyd in konstruktive oanpak fan it monitoaring-proses nei oanlieding fan it Ramtferdrach. It Twadde advys fan it Riejaand Komitee waard frij gau nei goedkarring, tegearre mei de reaksje fan it Kabinet op it advys, yn desimber 2013 publisearre. De Resolúsje fan it Komitee fan Ministers waard yn maaie 2014 oannommen.

7. It Riejaand Komitee is bliid te konstatare dat it Twadde advys yn it Nederlânsk en Frysk oerset is en moediget de autoriteiten oan om ek it Tredde advys oer de ymplementaasje fan it Ramtferdrach oerset te litten.

8. It Riejaand Komitee fynt it spitich dat it tredde lannerapport mei in opûnthâld fan twa jier yntsjinne waard. Dêrneist hat it Riejaand Komitee noed oer it feit dat de persoanen dy't ta nasjonale minderheden en maatskiplike organisaasjes hearre, net rieplachte binne by it opstellen fan it lannerapport. De autoriteiten wurdt sterk oanret om fertsjintwurdigers fan ferieningen, net-gûvernemintele organisaasjes of ûndersyksynstellingen, benammen dy dy't belutsen binne by Fryske minderheidskwestjes, yn 'e gelegenheid te stellen diel te nimmen oan it opstellen fan it fjirde lannerapport.

9. It Riejaand Komitee is tige te sprekken oer de treflike gearwurking mei de Nederlânske autoriteiten, sawol op ryksnivo as yn de provinsje Fryslân, foarôfgeand oan, by en nei de besite yn novimber 2018.

Algemien oersjoch fan de ymplementaasje fan it Ramtferdrach nei trije monitoaring-sykly

10. De posysje fan de autoriteiten oangeande it beheinen fan it tapassingsberik fan it Ramtferdrach ta de Friezen, bliuwt ûnferoare. De autoriteiten hâlde ek fêst oan it tapassen fan deselde kritearia dy't by de ratifikaasje fan it Ramtferdrach definiearre waarden. It giet dêrby net allinnich om it kritearium fan steatsboargerskip, mar ek dat wat nedich is foar in nasjonale minderheid om yn 'tradisjonele/foarâlderlike fêstigingsgebieten' te wenjen, wat per definysje ta de útsluting fan Roma, Sinti en Reizgers³ liedt, mar ek fan oare groepen.

11. Wat persoanen dy't ta de Fryske nasjonale minderheid hearre oanbelanget, makket it Riejaand Komitee kenber dat der by de ryksoerheid in dúdlike politike wil bestiet om de Fryske taal en kultuer aktyf te beskermjen en te befoarderjen en dat de provinsjale autoriteiten yn Fryslân dêr sterk oan kommittearre binne. De bestjoersôfspraken tusken de ryksoerheid en provinsjale oerheden, dy't regelmjittich sletten wurde, foarmje in wichtich ynstrumint om dit doel te berikken. Goede kommunikaasje en gearwurking tusken beide partijen en de bliuwende sterke belutsenens fan de sintrale autoriteiten sille beskiedend wêze foar de suksesfolle ymplementaasje fan de bestjoersôfspraak 2019-2023.

³ De útdrukking 'Roma, Sinti en Reizgers' wurdt brûkt om de eigen oantsjutting fan de respektive groepen yn Nederlân wer te jaan, of it moat wêze dat der ferwiisd wurdt nei spesifike dokuminten dy't slaan op ien fan dizze mienskippen. Sjoch ek it glossarium mei begripen dy't fan tapassing binne op Roma en Reizgers fan de Ried fan Europa (1 febrewaris 2019), beskikber op www.coe.int/roma

Beskerming tsjin diskriminaasje

12. De Algemiene wet gelikense behanneling fan 2004 hat betrekking op diskriminaasje op grûn fan 'ras', dêr't neffens de útlis fan de Nederlânske ynstânsjes dy't harren ynsette foar gelikense behanneling ek taal ûnder falt, mei ynbegryp fan de Fryske taal. Om redenen fan dúdlikens en tagonklikens fan de wet foar persoanen dy't ta nasjonale minderheden hearre, en ek de sichtberens en previntive funksje, is it Riejaand Komitee lykwols fan betinken dat it eksplisyt opnimmen fan de taal yn de wet fan belang wêze soe.

Befoarderjen fan yntegraasje en ynterkulturele dialoach

13. De Nederlânske autoriteiten hawwe in breed pakket oan maatregels nommen om tolerânsje en ynterkulturele dialoach te befoarderjen, diskriminaasje te bestriden en ta haat oansettende útlittingen en haatmisdriuwen oan te pakken. De trend dat der fraachtekens set wurde kinne by it byld fan Nederlân as tradisjoneel iepen en tolerant tsjin etnysk en religieus ferskaat oer, hat him lykwols ek by de monitoaring-perioade fuortset. Polarisearjende en ksenofobe útlittingen wurde net allinnich ferspraat troch de ekstreemrjochtse partijen, mar ek troch guon reguliere politisy.

14. It Riejaand Komitee hat fan fertsjintwurdigers fan minderheidsgroepen fernommen dat hja fan harren respektive minderheidsperspektiven út wei graach aktiver bydrage wolle oan de yntegraasje fan de Nederlânske maatskippij, mar dat harren organisaasjes en funksjonearjende kanalen net oer finansjele middels foar dielnimming oan de beslútfoarmingsprosessen beskikke.

15. Hoewol't de autoriteiten ûnderkenne dat Roma, Sinti en Reizgers op ferskate mêden diskriminaasje ûnderfine en hja dêrom ferskate programma's stypje, bestiet der noch in breed belied noch in funksjonearjend oerlismeganisme dat op dizze mienskippen rjochte is. Benammen de húsfêsting fan wenweinbewenners jout reden ta soarch. De ryksoerheid hat yn juny 2018 nij belied ynfierd mei de bedoeling de kwestje út minskerjochtenperspektyf wei te benaderjen. It docht bliken dat gemeenten stipe nedich ha om dit belied op lokaal nivo ek echt te ymplementearjen.

Media yn de Fryske taal

16. It bestean fan de regionale publike omrop *Omrop Fryslân*, waans ûnôfhinklikheid yn 'e kiif kaam by de herfoarming fan it Nederlânske omroptelsel tusken 2013 en 2016, is fan grut belang foar it befoarderjen fan de Fryske taal. It feit dat de stipe foar de omrop foar de kommende fiif jier feilich steld is yn de bestjoersôfspraak 2019-2023 wurdt is ta te jubeljen, mar de posysje fan *Omrop Fryslân* bliuwt kwetsber om't it foarsjen yn publike útstjoeringen yn de Fryske taal net fêstlein is yn de Nederlânske Mediawet of yn de Wet gebrûk Fryske taal.

Gebrûk fan de Fryske taal

17. Yn de Wet gebrûk Fryske taal, dy't yn 2014 ynfierd waard, wurdt steld dat it Nederlânsk en it Frysk de offisjele talen yn de provinsje Fryslân binne en wurde relatyf ferskillende taalrjochten takend oan sprekkers fan it Frysk yn it bestjoerlik ferkear en rjochtsferkear, al binne dy foaral fan tapassing op it grûngebiet fan de provinsje Fryslân. Hoewol't de útfiering fan de Wet gebrûk Fryske taal oangeande it bestjoerlik ferkear op provinsjaal nivo foar it grutste part ta tefredenheid stimt, wiene petearpartners fan it Riejaand Komitee minder te

sprekken oer de mooglikheden om Frysk te praten yn de rjochtbank en de mooglikheden om Frysk te brûken op gemeentlik nivo. Dat lêste jildt benammen yn de gemeenten dy't nei de nijste fúzjes foarme binne. Der kin ek mear dien wurde om de sichtberens fan de Fryske taal yn de iepenbiere romte te fergrutsjen, bygelyks troch topografyske oantsjuttingen of opskriften op iepenbiere gebouwen.

Underwiis yn de Fryske taal

18. De desintralisaasje fan foegen op it mêd fan ûnderwiis nei de provinsje Fryslân yn 2016 kin as in sukses beskôge wurde en as in wichtige stap nei in brede ûnderwiisstrategie rjochte op it ferwêzentlikjen fan de doelstelling fan de bestjoersôfspraak 2019-2023, nammentlik in signifikante oanwaaks fan it part fan de befolking dat it Frysk prate, lêze en skriuwe kin. It Taalplan Frysk, publisearre yn 2018, jout foar it earst in protte basisgegevens oer lessen yn it Frysk op alle basisskoallen en skoallen foar it fuortset ûnderwiis yn de provinsje Fryslân. De ûnderwiisynspeksje hat yn 2009 de status fan it Frysk yn it ûnderwiis foar it lêst evaluearre, mar der wurde yn de nije bestjoersôfspraak no heldere ôfspraken makke oer de rol fan de ynspeksje. De ûnderwiisynspeksje wol fan 2019 ôf mear reguliere beoardielingen útfiere. Dêr ûntbruts it yn it ferline oan en dit rôp ernstige twivels op oer de foargeande monitoaring-sykly.

19. No't it oantal trijetalige (Ingelsk, Nederlânsk en Frysk) skoallen tanimt en ek it oantal learlingen dat eineksamen Frysk docht in opgeande line sjen lit, bliuwt it oanhâldende tekoart oan learkrêften in reden ta soarch. Dêrneist wurdt it Frysk benammen op basisskoallen jûn, wylst der mar in pear skoallen yn it fuortset ûnderwiis Frysk as fak oanbiede. Om de kwaliteit fan ûnderwiis fan it Frysk ek yn 'e takomst te garandearjen moat der in soad oandacht bestege wurde oan de rol fan de ûnderwiisynspeksje en moat der ynvestearre wurde yn it oplieden fan leararen. In lêste punt fan soarch is it tekoart oan twatalich of Frysk beukerûnderwiis, benammen yn gruttere stêden.

Partisipaasje

20. Net-gûvernemintele organisaasjes dy't harren dwaande hâlde mei Fryske kwestjes wurde op ad-hocbasis en by bepaalde tema's rieplachte troch de provinsje Fryslân en petearpartners litte witte dat se oer it generaal goed terjochte kinne by beliedsmakkers op provinsjaal nivo. Der is lykwols gjin ynstitúsjonearre oerlisorgaan dêr't ngo's, wêrûnder ngo's foar de jongerein, inoar geregeld moetsje kinne, mei-inoar yn petear komme kinne, saken op 'e agenda sette kinne en de provinsje advisearje kinne oer belied.

II. BEFININGEN KÊST FOAR KÊST

Kêst 3 fan it Ramtferdrach

Tapassingsberik

Oanbefellingen út de twa foargeande monitoaring-sykly

21. Yn de foarige monitoaring-sykly hat it Riejaand Komitee konstataarre dat de troch de autoriteiten folge oanpak oangeande it persoanlik tapassingsberik fan it Ramtferdrach, benammen it boargerskipskritearium en it territorialiteitsbegjinsel, arbitrêr de mooglikheid foar oare potinsjele groepen om te profitearjen fan de bepalingen fan it Ramtferdrach beheine kinne soe. It Riejaand Komitee wie fan betinken dat dizze groepen net op adekwate wize rieplachte wiene oer harren mooglike ynklusy en hat de autoriteiten fersocht in fleksibeler oanpak te hantearjen oangeande it tapassingsberik fan it Ramtferdrach, ûnder oaren troch oerlismeganismen.

Hjoeddeistige situaasje

22. De posysje fan de autoriteiten oangeande it beheinen fan it tapassingsberik ta de Friezen bliuwt sa't er is, wat spitich is. De measte rjochten dy't oan de Fryske minderheid takend wurde, benammen rjochten dy't ferbân hâlde mei it brûken en learen fan de Fryske taal (sjoch de kâsten 10 oant en mei 14), binne beheind yn de territoriale omfang, nammentlik ta de provinsje Fryslân.

23. Neffens de autoriteiten binne der yn de ferslachperioade gjin formele fersiken om erkenning as nasjonale minderheid of foar beskerming op grûn fan it Ramtferdrach yntsjinne by de regearing of it parlemint. De autoriteiten ha by de besite fan it Riejaand Komitee befêstige dat bywannear't der sa'n fersyk yntsjinne wêze soe, dat toetst wurde soe oan 'e hân fan de fiif kritearia dy't by it parlemintêre debat oer de ratifikaasje fan it Ramtferdrach fêststeld waarden.⁴

24. By en nei de monitoaring-besite hat it Riejaand Komitee kontakt opnommen mei in oantal fertsjintwurdigers fan groepen dy't harren sels Roma, Sinti of Reizger neame.⁵ Hja lieten aktive belangstelling foar it Ramtferdrach sjen en sprutsen harren teloarstelling út oer it feit dat de autoriteiten harren net beskôgen as groepen dy't ûnder it tapassingsberik foelen. Ien fan de redenen dat der gjin formeel fersyk om erkenning dien is, sa waard it Riejaand Komitee ferteld, is fanwegen de beheinende aard fan de boppeneamde fiif easken, wêrtroch't sa'n claim útsletten wurdt.

⁴ [Handelingen van 30 november 2004 over de ratificatie van het Kaderverdrag, EK 2004/2004, nr. 7./https://zoek.officielebekendmakingen.nl/h-ek-20042005-338-348.html](https://zoek.officielebekendmakingen.nl/h-ek-20042005-338-348.html), 338-348 Neffens it [Eerste advies over Nederland](#) (par. 3.3) wurde as nasjonale minderheden dy groepen fan de befolking beskôge dy't fanâlds op it grûngebiet fan de steat fêstige binne en dy't fanâlds yn in fêstigingsgebiet wenje, mar dy't har fan de mearderheid fan de befolking ûnderskiede troch harren taal, kultuer en skiednis - dus troch harren eigen identiteit - en dy't dizze identiteit behâlde wolle.

⁵ It totaal oantal persoanen dat ta dizze groep heart wurdt rûsd tusken de 32.000 en 48.000. Sjoch [Council of Europe \(July 2012\), Estimates and official updates of Roma in Europe](#)

25. It Riejaand Komitee ûnderstreket nochris syn yn it Earste advys oer Nederlân⁶ ferfette miening dat de eask dat in nasjonale minderheid yn tradisjonele/foarâlderlike fêstigingsgebieten wenje moat, liedt ta de útsluting fan Roma en Sinti, dy't fanâlds yn Nederlân oanwêzich binne, mar oer it hiele lân ferspraat wenje.

26. It Riejaand Komitee erkent dat de ferdrachsslutende partijen beoardielingsromte ha by it fêststellen fan de persoanlike wurkingsfear fan it Ramtferdrach. It Riejaand Komitee sjocht it lykwols as syn plicht de persoanlike wurkingsfear by de ymplementaasje fan it Ramtferdrach te ûndersykjen om nei te gean oft der net sprake is fan willekeur of dat der ûnrjochtfearnich ûnderskied makke is.⁷ Wat it steatsboargerskip oanbelanget bliuwt it Riejaand Komitee fan betinken dat, hoewol't steatsboargerskip in legitime eask wêze kin as it bygelyks om kiesrjocht op nasjonaal nivo giet, de algemiene tapassing fan dit kritearium problematysk is yn relaasje ta oare garânsjes dy't ferbân hâlde mei oare belangrike terreinen dêr't it Ramtferdrach op fan tapassing is, lykas non-diskriminaasje en gelikensens.⁸

27. In oare groep dy't mooglik ûnder beskerming fan it Ramtferdrach falle kinne soe, binne de Molukkers.⁹ It Riejaand Komitee is benadere troch fertsjintwurdigers fan de Molukske befolking, dy't goed op 'e hichte binne fan it Ramtferdrach en de beskerming dy't dit ferdrach biedt, en dy't de winsk útsprutsen dat der mear oandacht oan harren bestege wurdt as minderheidsgroep.

28. By it opstellen fan dit advys is het Riejaand Komitee ek benadere troch fertsjintwurdigers fan de ynwenners fan it Karybysk eilân Bonaire dy't Papiamintsk prate. Ek hja hawwe harren belangstelling útsprutsen foar de beskerming dy't it Ramtferdrach biedt. By de ratifikaasje fan it Ramtferdrach yn 2005 hat Nederlân ferklearre it Ramtferdrach foar it Keninkryk yn Europa te oanfurdigjen.¹⁰ By de steatkundige herfoarming fan 2010 waarden de eilannen Bonaire, Sint Eustatius en Saba (de BES-eilannen) in part fan it lân Nederlân binnen it Keninkryk der Nederlannen en krigen de status fan 'bysûndere gemeenten'.¹¹ It stânpunt fan it Nederlânske kabinet is dat it Keninkryk der Nederlannen ûnderwurpen is oan it ynternasjonale rjocht en as sadanich oanslute kin by ynternasjonale oerienkomsten mar dat 'de geografyske tapaslikheid fan dizze oerienkomsten beheind wurde kin ta (...) it Europeeske part fan Nederlân'.¹²

29. It Riejaand Komitee nimt der kennis fan dat fertsjintwurdigers fan Papiamintsk-praters út de BES-eilannen miene dat it feit dat steaten parten fan harren lân dêr't minderheden wenje en dy't ûnder streekrjocht bestjoer fan dy oerheid steane, útsluten fan de tapassing fan it Ramtferdrach, stridich liket mei it doel fan it Ramtferdrach. It Riejaand Komitee nimt der fierdersoan kennis fan dat de Nasjonale Ombudsman, it Kolleezje foar de Rjochten fan de

⁶ Sjoch it Earste advys oer Nederlân, goedkard op 25 juny 2009, foar in detaillearre beoardieling fan de territoriale diminsje fan dizze definysje (par. 22) en it steatsboargerskipskritearium (par. 23).

⁷ ACFC, [Thematic Commentary No. 4](#) The Framework Convention: a key tool to managing diversity through minority rights. The scope of application of the Framework Convention for the Protection of National Minorities, oannommen op 27 maaie 2016, par. 26.

⁸ Ibid., par. 29.

⁹ Foar mear ynformaasje oer de Molukse minderheid yn Nederlân, sjoch it World Directory of Minorities and Indigenous Peoples, fia <https://minorityrights.org/minorities/moluccans>

¹⁰ Ferklearring yn de akte fan oanfurdiging dy't op 16 febrewaris 2005 dellein is.

¹¹ Webside fan de ryksoerheid oer de nije steatkundige yndieling www.government.nl/topics/caribbean-parts-of-the-kingdom/new-constitutional-order

¹² Ministearje fan Bûtenlânske Saken fan it Keninkryk (2015), [Koninkrijk der Nederlanden: Een Koninkrijk – Vier landen: Europees en Caribisch](#)

Minske en it VN-Komitee oangeande Ekonomyske, Sosjale en Kulturele Rjochten de beheinde tapaslikheid fan de ynternasjonale minskerjochtenferdragen op de Nederlânske oerseeke gebietsdielen bekritisearre ha.

Oanbefellingen

30. It Riejaand Komitee trunet der by de autoriteiten op oan om it tapassingsberik fan it Ramtferdrach fleksibeler oan te pakken. It nûget de autoriteiten fierders út om it tapassingsberik kêst foar kêst út te wreidzjen nei groepen dy't baat hawwe kinne by de bepalingen dêrfan. It ropt de autoriteiten fierder op om in formele dialooch oan te gean mei fertsjintwurdigers fan groepen dy't belangstelling foar de troch it Ramtferdrach beane beskerming ha.

31. It Riejaand Komitee ropt de autoriteiten op om de juridyske situaasje oangeande de territoriale tapassing fan it Ramtferdrach nei de steatkundige herfoarming fan 2010 te ferdúlikjen.

Kêst 4 fan it Ramtferdrach

Beskerming tsjin diskriminaasje

Oanbefellingen út de twa foargeande monitoaring-sykly

32. Yn de foargeande monitoaring-sykly hat it Riejaand Komitee konstatearre dat der yn Nederlân op gâns fronten striden wurdt tsjin diskriminaasje en ferwolkommet de ûntwikkeling fan in systeem fan gemeentlike antydiskriminaasjefoarsjenningen. It Riejaand Komitee hat lykwols opmurken dat der mar in pear gefallen fan diskriminaasje ûnder de oandacht fan de Ombudsman en de eardere Kommisje Gelikense Behanneling brocht waarden troch persoanen dy't ta in minderheidsgroep hearre en hat de autoriteiten oproppen om alle etnyske groepen bewuster te meitsjen fan de rjochtsmiddels dy't foarhannen binne.

Hjoeddeistige situaasje¹⁴

33. It rjocht op gelikense behanneling en ferbod op diskriminaasje wurde yn haadsaak garandearre troch de Nederlânske grûnwet (kêst 1) en de Algemiene Wet Gelikense Behanneling, AWGB.¹⁵ Yn de AWGB wurdt direkte en yndirekte diskriminaasje ferbean. De wet is fan tapassing op de partikuliere sektor, de levering fan waren en tsjinsten, wêrûnder ûnderwiis, sosjale beskerming en sûnenssoarch. Foar alle foarmen fan diskriminaasje wurdt it begjinsel fan de omkearde bewiislêst tapast yn prosedueres foar de rjochter en de ynstânsje foar gelikense rjochten, it Kolleezje foar de Rjochten fan de Minske.

34. Yn de grûnwet stiet in iepen list fan diskriminaasjegrûnen. De AWGB is lykwols inkeld en allinne fan tapassing op de grûnslaggen neamd yn kêst 1.1.b. Dy omfetsje nasjonaliteiten en ras, mar gjin taal. It Riejaand Komitee konstatearret dat 'ras' troch it Kolleezje foar de Rjochten

¹³ Kolleezje foar de rjochten fan de minske (2016), [Naar een mensenrechtelijk aanvaardbaar voorzieningenniveau voor Bonaire, Sint Eustatius en Saba](#); UN Committee on Economic, Social and Cultural Rights (6 july 2017), [Concluding observations on the sixth periodic report of the Netherlands](#) par. 14.

¹⁴ It Riejaand Komitee merkt op dat de Europeeske Kommisje tsjin Rasisme en Yntolerânsje (ECRI) yn 2018 de gelegenheid krigen hat dizze ûntwikkeling yngeand te bestudearjen by it opstellen fan syn fiifde ferslach oer Nederlân. It Riejaand Komitee ferwiist yn dit ferbân nei de detaillearre befiningen en oanbefellingen fan it ECRI.

¹⁵ Europeesk netwurk fan juridyske saakkundigen yn gendergelikensens en non-diskriminaasje (2018), [Country report Non-Discrimination: The Netherlands](#)

fan de Minske beskôge wurdt as betrekking hawwende op gefallen fan ûnderstelde diskriminaasje op grûn fan it brûken fan de Fryske taal.¹⁶ It Riejaand Komitee is lykwols fan betinken dat it better wêze soe om de grûn 'taal' eksplisyt yn de wet op te nimmen, om sawol de dúdlikheid en tagonklikens te ferbetterjen en de sichtberens en previntive wurking te fersterkjen.

35. It Kolleezje foar de Rjochten fan de Minske (NIHR) is de wichtichste offisjeel oanwiisde ynstânsje foar gelikense rjochten dy't akkreditearre is mei de 'A'-status neffens de Begjinsels fan Parys. It Kolleezje hat in breed mandaat, fiergeande ûndersyksfoegen en jout juridyske advizen oer yndividuele diskriminaasjeklachten.¹⁷ Dy advizen binne net binend en it Kolleezje kin gjin sanksjes oplizze, mar it oardiel fan it Kolleezje wurdt as tige gesachhawwend sjoen en is meastentiids genôch om de praktyk te feroarjen. It Kolleezje jout teffens advys oer belied en wetjouwing. It Riejaand Komitee ferwolkomet it brede mandaat fan it Kolleezje. It konstatearret dat de beslissingen en rapporten fan it Kolleezje oer de diskriminaasje fan Roma, Sinti en Reizgers op it mêd fan húsfêsting, yn kombinaasje mei in rapport fan it Buro Nasjonale Ombudsman, úteinlik bydroegen ha oan in feroaring fan belied (sjoch kêst 6). It Riejaand Komitee merkt lykwols mei soarch op dat in oantal fan syn petearpartners ûnfoldwaande bewust wie fan it wurk fan it Kolleezje en de besteande middels om diskriminaasje te rapportearjen.

36. Alle gemeenten binne ferplichte om gemeentlike antydiskriminaasje foarsjenningen (adv's) yn te stellen of te subsidiearjen. Op it stuit registrearje 38 adv's meldingen fan diskriminaasje en biede slachtoffers op lokaal nivo stipe. It Riejaand Komitee is der mei ynnommen konstatearje te kinnen dat it Kolleezje en de adv's goed lykje gear te wurkjen. In oantal petearpartners, sawol Friezen as oaren (wêrûnder Roma, Sinti en Reizgers), wiene lykwols net op 'e hichte fan it bestean fan in adv yn harren gemeente. In evaluaasje yn 2017 liet sjen dat adv's dy't meardere gemeenten betsjinnen trochstrings doelmjittiger wurkje as lytse adv's, dêr't in oantal fan, neffens it ûndersyk, net folslein ûnôfhinklik binne om't se in ûnderdiel foarmje fan de gemeente en de krechte middels misse om folslein operasjoneel te wêzen.¹⁸

37. De gemeentlike antydiskriminaasje foarsjenning yn de provinsje Fryslân, *Tûmba*, krijt jierliks gemiddeld fjouwer klachten oer ûnderstelde diskriminaasje op grûn fan it brûken fan de Fryske taal. Klachten geane bygelyks oer it ûntsizzen fan de mooglikheid om Frysk te praten mei de plysje, op in medysk meldpunt, yn it iepenbier ferfier of op it wurkplak. By gjinien fan dizze gefallen gie it oer in gefal fan diskriminaasje ûnder de AWGB. Dizze gefallen wurde trochgeans troch bemiddeling besljochte, faak mei help fan it tale-ynstitút *Afûk*, dy't counseling en Fryske taalkursussen oanbiedt. *Tûmba* krijt geregeld klachten yn de Fryske taal, hat stikken fan syn webside yn it Frysk en besiket minsken dy't Frysk prate oan te sprekken by syn krewearjen om de bewustwurding te fergrutsjen.¹⁹

¹⁶ Kolleezje foar de Rjochten fan de Minske 2009-111.

¹⁷ Wet fan 24 novimber 2011, hâldende de oprjochting fan it Kolleezje foar de Rjochten fan de Minske; Staatsblad 2011, 573

¹⁸ [Regioplan \(2017\). Onderzoek naar de werking van de ADV's in de praktijk.](#)

¹⁹ In resinte advertinsje fan *Tûmba* seach der sa út: 'Te swart voor de disco? Te Fries voor Ljouwert? Te zwanger voor de werkgever? (...) Een klacht indienen helpt'. *Tûmba* hat ek in publyk debat organisearre dat op Omrop Fryslân útstjoerd is ûnder de titel 'Frysk Swart' oer 'hûdskleur en regionale identiteit', dat ûnder oaren oer alles om de oankomst fan Swarte Pyt yn Dokkum hinne op novimber 2017 gie. Sjoch www.omropfryslan.nl/nj/788243-live-iepenup-oer-frysk-black

38. It Buro Nasjonale Ombudsman fan Nederlân (hjernei 'de Ombudsman') ûndersiket klachten oer de oerheid, kin op eigen inisjatyf ûndersyk ynstelle en jout advys oan de oerheid oer hoe't hja har gedrach ferbetterje kin. Oardielen fan de Ombudsman binne net binend, mar wol tige gesachhawwend. Yn sa'n 95% fan de gefallen wurde dizze oardielen dan ek opfolge. De Ombudsman hat 170 meiwurkers, wêrûnder inkelde persoanen dy't Frysk prate, en kin yn it Frysk stelde klachten yn behandeling nimme. Yn de ferslachperioade binne soksoarte fersiken net ûntfongen.

39. It Riejaand Komitee konstatearret dat der sûnt 2016 nasjonale rapporten opsteld wurde dêr't alle diskriminaasjemeldingen dy't troch de Nederlânske plysje en de gemeentlike antydiskriminaasjefoarsjenning registrearre waarden, yn fermeld steane. Yn 2017 registrearre de plysje 3499 diskriminaasje-ynsidinten en de adv's 4691; it Kolleezje foar de Rjochten fan de Minske krige 416 fersiken om in oardiel en 4259 fragen. Diskriminaasje op grûn fan etnyske ôfstamming kaam it measte foar. De plysje registrearre dizze grûn yn 41% fan de gefallen, wêrby't 8% ferbân hold mei antysemitisme en 5% mei islamofoby. Yn 2017 behannele it iepenbier ministearje 144 spesifike diskriminaasjefeiten; yn 71% fan de saken dêr't ferfolging by ynsteld waard, hat dit laat ta in strafrechtlike feroardieling. Dêrneist waarden nochris 187 kommune feiten mei in diskriminaasje-aspekt registrearre.²⁰ Troch de Nederlânske gegevensbeskermingsregels binne der gjin spesifisearre gegevens beskikber oer de etnyske komôf fan de yntsjinners fan de klachten. De twadde enkête fan de Europeeske Uny nei minderheden en diskriminaasje (EU-MIDIS II) fan 2017 lit sjen dat diskriminaasje min ofte mear ûnderrapportearre wurdt.²¹ Dit strykt mei de yndruk dy't it Riejaand Komitee krige by de besite; dejingen dy't it grutste risiko rinne om diskriminearre te wurden, binne net needsaaklikerwize op 'e hichte fan de mooglikheid om in klacht yn te tsjinjen.

40. Persoansgegevens yn de befolkingsregisters befetsje gjin ynformaasje oer de etnyske eftergrûn en der wurdt yn Nederlân gjin folkstelling dien. Der wurdt inkeld en allinne ynformaasje fêstlein oer it bertelân en dus allinnich oft de persoan yn Nederlân berne is of in migraasje-eftergrûn hat.²² It Riejaand Komitee hat der begryp foar dat de autoriteiten ôfhâldend binne oer it sammeljen fan gegevens dy't achte wurde ta it priveelibben te hearren, lykas de etnyske ôfkomst. It wiist der lykwols op dat it ferkrijen fan betroubere ynformaasje oer de situaasje fan persoanen dy't ta nasjonale minderheden hearre relevant is foar de útfiering fan it Ramtferdrach. Dizze ynformaasje kin ferkrigen wurde troch it sammeljen fan statistyske gegevens of op in oare wize, bygelyks ad-hoc-ûndersiken, enkêtes of opiny-ûndersiken. De autoriteiten soene mear gebrûk meitsje kinne fan soksoarte gegevens en tagelyk foldwaan oan de besteande noarms foar gegevensbeskerming. Dizze gegevens binne relevant foar it ynsicht yn it kulturele ferskaat fan de befolking, de posysje fan nasjonale minderheden yn de maatskippij en de ûntwikkeling en monitoaring fan op betroubere sifers basearre beliedsmatregels om diskriminaasje te bestriden.

Oanbefellingen

41. It Riejaand Komitee ropt de autoriteiten op om 'taal' eksplisyt as grûn op te nimmen yn de Wet Gelikense Behandeling om de dúdlikheid, tagonklikens en sichtberens fan de jildende bepalingen te fergrutsjen, ek wat Fryskpraters oanbelanget.

²⁰ Iepenbier Ministearje (april 2018), *Strafbare Discriminatie in Beeld 2017*, p. 42.

²¹ Europeesk Buro foar de grûnrjochten (FRA) (2017), [Second European Union Minorities and Discrimination Survey](#) p. 31-51.

²² Foar befolkingsgegevens sjoch de webside www.cbs.nl/

42. It Riejaand Komitee achtet it fan essinsjeel belang te garandearjen dat it Kolleezje foar de Rjochten fan de Minske, de Ombudsman en de gemeentlike antydiskriminaasje-foarsjenningen oer genôch middels beskikke en ropt harren op te ynvestearjen yn it fergrutsjen fan de bewustwurding fan de antydiskriminaasjewetjouwing en spesifyk de rjochtsmiddels dy't beskikber binne foar persoanen dy't ta nasjonale minderheden hearre.

Kêst 5 fan it Ramtferdrach

Befoarding fan de Fryske kultuer

Oanbefellingen út de twa foargeande monitoaring-sykly

43. It Riejaand Komitee stie by de autoriteiten oan op fuortsetting fan de stipe foar it behâld en de befoarding fan de Fryske kultuer, ûnder oaren yn de kontekst fan de desentralisaasje fan ferantwurdlikheden fan de ryksoerheid nei de provinsje Fryslân.

Hjoeddeistige situaasje

44. It Nederlânske belied foar it beskermjen en befoarderjen fan de Fryske kultuer wurdt al desennialang regele troch middel fan bestjoersôfspraken Fryske taal en kultuer, dy't periodyk fêstlein wurde tusken de ryksoerheid en de provinsje Fryslân. De bestjoersôfspraak dy't yn de ferslachperioade fan krêft wie (2013-2018) gie oer ûnderwiis, rjochtsferkear, bestjoerlik ferkear, media, kultuer en aktiviteiten oer de grins. In nije bestjoersôfspraak foar de perioade 2019-2023, dy't deselde opbou hat, waard op 30 novimber 2018 troch de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksaken en de provinsje Fryslân ûndertekene. Yn de ôfspraak wurde ferantwurdlikheden ferdúdlike, ek wat finansiering oanbelanget, en kwantifisearbere doelen fêstlein. Nei twa jier sil der in tuskentiidske evaluaasje plakhawwe. It Riejaand Komitee ferwolkomet dizze oanpak, dy't resultearret yn in hege graad fan transparânsje, stabiliteit en betrouberheid wat it belied foar de Fryske taal en kultuer oanbelanget.

45. Sûnt 2017 jout de provinsje Fryslân ynfolling oan de rol fan *Taalskipper*, en nimt as sadanich de foarstap by it formulearjen fan de langetermynfyzje foar de Fryske taal. Yn dizze rol stribbet de provinsje der bygelyks nei dat yn 2030 it oantal memmetaalsprekkers dat de Fryske taal goed lêze en skriuwe kin en it oantal twadde en treddetaalsprekkers dat it Frysk goed ferstean en sprekke kin, mei 10% tanommen is.²³

46. In kaaiposysje by it opstellen en útfieren fan de bestjoersôfspraken wurdt ferfolle troch *DINGtiid*, it offisjele orgaan foar de Fryske taal, ynsteld by de Wet gebrûk Fryske Taal fan 2014. *DINGtiid* is in ûnôfhinklik publyk orgaan dat as taak hat de gelikense posysje fan de Fryske taal en de Nederlânske taal yn de provinsje Fryslân te befoarderjen.²⁴ *DINGtiid* docht regelmjittich ferslach oer de status en it ferlet oangeande Fryske taal en kultuer, advisearret oer de ymplementaasje fan de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer en jout stipe by it opstellen fan belied en regeljouwing op dat mêd. De fiif leden fan *DINGtiid* wurde troch de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes, op foardracht fan Deputearre Steaten fan de provinsje Fryslân, beneamd.

²³ Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019-2023, haadstik 1.

²⁴ Wet fan 2 oktober 2013, hâldende regels oangeande it gebrûk fan de Fryske taal yn it bestjoerlik ferkear en yn it rjochtsferkear (Wet gebrûk Fryske taal).

47. De wichtichste ferbetteringen yn dizze nije ôfspraak, ferlike mei de foargeande, binne it boargjen fan de mienskiplike finansiering fan de learstoel Fryske taal- en letterkunde oan de Ryksuniversiteit Grins, finansjele stipe fan de provinsje Fryslân foar de ekstra taken op ûnderwiisgebiet en in heldere omskriuwing fan de rol fan de ûnderwiisynspeksje (sjoch kêst 14). De nije bestjoersôfspraak befettet boppedat eksplisite ynput-, output- en resultaatyndikatoaren en wiist op heldere wize taken en ferantwurdlikheden ta.

48. It Riejaand Komitee is der tige mei ynnommen dat yn de nije bestjoersôfspraak in oantal projekten neamd wurdt as follow-up fan it programma fan Ljouwert as Kulturele Haadstêd fan Europa yn 2018. Sa sprekke de partijen bygelyks harren stipe út foar de ynrjochting fan in produksjehûs, dat as doel hat it produsearjen fan poëzij en proaza yn de Fryske taal in ympuls te jaan. Ek it besikerssintrum *Lân fan taal* sil, salang't dizze bestjoersôfspraak duorret, bestean bliuwe. It programma fan Ljouwert as Kulturele Haadstêd fan Europa omfette oer it algemien gâns aktiviteiten yn de Fryske taal²⁵, al diene guon petearpartners wol harren beklach deroer dat dit net soarge hat foar genôch sichtberens fan de Fryske taal yn de iepenbiere romten fan Ljouwert.

49. Prominente Fryske kulturele ynstellingen waarden mienskiplik finansiere troch de provinsjale autoriteiten en it Ministearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip. It giet dêrby om it Fryske teäterselskip *Tryater*, ûndersyksynstitút *Fryske Akademy* en it Frysk letterkundich museum en dokumintaasjesintrum *Tresoar*. Dizze lêste ynstelling is fuortkommen út de fúzje fan it provinsjaal argyf en de provinsjale biblioteek en is op 't stuit dwaande mei de digitalisearing fan it folsleine korpus fan de Fryske literatuer (likernôch 20.000 titels.) It Riejaand Komitee ferwolkommet it feit dat yn de bestjoersôfspraak fêstlein is dat der oerlis komme moat tusken de provinsje en de ryksoerheid as ien fan beide partijen de oan foarneamde ynstellingen takende middels ferleegje wol. Oare kulturele ynstellingen, lykas it sintrum foar Fryske keunst en kultuer *Keunstwurk* en de ynstelling foar de befoarderding fan de Fryske taal *Afûk*, wurde allinnich troch de provinsje stipe.

50. De provinsje Fryslân stipet in skala oan ynnovative projekten dy't de Fryske kultuer en taal befoarderje, lykas de app en it boekje *Taal fan it hert* mei ynformaasje oer de Fryske kultuer en taal, de 'Friese Google Translate Week', wêryn't hûnderten frijwilligers mobilisearre waarden en wat úteinlik laat hat ta it opnimmen fan it Frysk yn Google Translate, en it twajierlikse Frysktalich sjongfestival *SjONG*, mei in priis foar it bêste YouTube-filmke.

Oanbefelling

51. It Riejaand Komitee moediget de autoriteiten oan om, yn oerlis mei de provinsjale autoriteiten, gemeenten en maatskiplike organisaasjes, troch te gean mei de stabile stipe oan ynstellingen en projekten dy't de Fryske kultuer beskermje en befoarderje.

²⁵ Foarbylden fan aktiviteiten fan it programma *Lân fan taal* steane op <https://lanfantaal.fr/>

Kêst 6 fan it Ramtferdrach

Tolerânsje en ynterkulturele dialoach

Oanbefellingen út de twa foargeande monitoaring-sykly

52. Ien fan de oanbefellingen fan it Riejaand Komitee wie om mear fêstberet maatregels te nimmen om in geast fan ferdraachsumens en ynterkulturele dialoach yn de maatskippij te stimulearjen, benammen troch foarljochting oer minskerjochten, maatregels yn it plysjekorps en troch it uterjen fan ûnferdraachsumens yn it politike debat en op it ynternet te feroardieljen. It Riejaand Komitee rekommandearret dêrneist oan om de partisipaasjemeganismen foar de dialoach mei fertsjintwurdigers fan etnyske minderheidsgroepen duorsum te ûnderstypjen.

*Hjoeddeistige situaasje*²⁶

53. De Nederlânske autoriteiten ha in breed pakket oan maatregels nommen om tolerânsje en ynterkulturele dialoach yn de maatskippij te befoarderjen. Oan 'e hân fan it Nasjonaal Aksjeprogramma tsjin rasisme²⁷ (2016) binne de aktiviteiten rjochte op it bestriden fan diskriminaasje, it befoarderjen fan in ynklusive maatskippij en it oanpakken fan ta haat oansettende útlittingen en haatmisdriuwen. De autoriteiten hawwe it Riejaand Komitee fierders ynformearre oer aktiviteiten dy't ferskaat en ynterkultureel begryp befoarderje lykas it Kennisplatfoarm Yntegraasje & Maatskippij, aktiviteiten yn it ramt fan it Desennium foar minsken fan Afrikaanske komôf, projekten oer de dialoach tusken joadske en islamityske mienskippen en aktiviteiten yn ferbân mei 50 jier Marrokaanske migraasje yn Nederlân.²⁸ It Riejaand Komitee is ek bliid te konstatare dat der foarútgong boekt is wat de ferskaat by de Nederlânske plysje oanbelanget.²⁹

54. Oer it algemien sprutsen lieten de ôfrûne fiif jier lykwols in fuortsetting fan de trend sjen dat der fraachtekens set wurde kinne by it byld fan Nederlân as tradisjoneel iepen en tolerant foar etnysk en religieus ferskaat. De autoriteiten jouwe ta dat der earnstige problemen binne oangeande rasisme rjochte tsjin minsken mei in net-Nederlânske eftergrûn, islamofoby en antysemitisme.³⁰ It Riejaand Komitee sit tige yn noed oer it feit dat, neffens syn petearpartners, polarisearjende en ksenofobe útlittingen wat langer wat mear akseptearre wurde. Soksoarte retoryk wurdt troch ekstreemrjochtse partijen brûkt, mar ek troch guon mainstream politisy en kabinetsleden.³¹

55. Fertsjintwurdigers fan de moslimmienskippen hawwe it gefoel dat in oantal resinte wetsfoarstellen tsjin harren rjochte binne, benammen de krekt ynfierde wet fan 27 juny 2019 oer it ferbod op it dragen fan gesichtsbedekkende klean yn sommige publike romten. Yn de memoarje fan taljochting by dizze wet wurdt spesifyk ferwiisd nei de boerka en de niqab.³²

²⁶ It Riejaand Komitee merkt op dat de Europeeske Kommisje tsjin Rasisme en Yntolerânsje (ECRI) dizze ûntwikkeling yngeand bestudearre hat by it opstellen fan syn fiifde ferslach oer Nederlân yn 2018. It Riejaand Komitee ferwiist yn dit ferbân nei de detaillearre befiningen en oanbefellingen fan it ECRI.

²⁷ <https://www.rijksoverheid.nl/documenten/rapporten/2016/01/22/nationaal-actieprogramma-tegen-discriminatie>.

²⁸ Troch de autoriteiten yntsjinne skriftlike ynformaasje.

²⁹ Sjoch it lanneferslach, kêst 6.

³⁰ <https://www.rijksoverheid.nl/documenten/rapporten/2016/01/22/nationaal-actieprogramma-tegen-discriminatie>, p. 27-28.

³¹ Sjoch bygelyks [Euronews \(18 July 2018\)](#), [Dutch foreign minister criticised for saying multi-cultural societies are violent](#) en BBC (23 jannewaris 2017), Nederlânske premier Rutte: "Ga weg als het je niet bevalt".

³² Nederlânsk parlemint (27 novimber 2015), *Instelling van een gedeeltelijk verbod op het dragen van gezichtsbedekkende kleding in het onderwijs, het openbaar vervoer, overheidsgebouwen en de zorg (Wet houdende ynstelling foar in parsjeel ferbod op it dragen fan gesichtsbedekkende klean yn it iepenbier ferfier, oerheidsgebouwen en de soarch)*, [Memorie van Toelichting](#)

Undersyk ûnder minsken mei in Turkske of Marokkaanske eftergrûn hat sjen litten dat benammen jonge moslims tinke dat hja negativer beoardiele wurde as oaren en dat hja yn earste ynstânsje sjoen wurde as leden fan in etnyske of religieuze groep en dêrnei pas as Nederlânsk boarger.³³

56. Yn in resinte Eurobarometer-enkête tocht 55% fan de respondinten dat yn 'e ôfrûne 5 jier it antysemitisme tanommen wie en 77% wie fan betinken dat konflikten yn it Midden-Easten fan ynfloed binne op de wize wêrop't Nederlânske joaden sjoen wurde.³⁴ Tusken 2015 en 2017 waarden der jierliks tusken de 330 en 430 gefallen fan haat oansettende útlittingen en haatmisdriuwen fan antysemityske aard by de plysje meld.³⁵ Petearpartners út de joadske mienskip ynformearren it Riejaand Komitee dat de feilichheid fan synagogen en oare ynstellingen, en de kosten dy't dêr mei muoid binne, foar grutte ûngerêstens soarget.

57. It Riejaand Komitee merkt op dat de hjoeddeistige generike oanpak fan it yntegraasjebelied de ferantwurdlikheid foar yntegraasje foar it grutste part op it boerd leit by persoanen dy't ta minderheidsgroepen hearre. Yn dizze kontekst wol it Riejaand Komitee de autoriteiten yn it sin bringe dat yn de geast fan kêst 9 fan it Ramtferdrach echte yntegraasje binnen de maatskippij in proses is dat fan twa kanten komme moat, wêrby't alle segminten fan de mienskip, sawol mearderheden as minderheden, belutsen wurde moatte.³⁶

58. It Riejaand Komitee makket him benammen soargen oer it feit dat it Lanlik Oerlis Minderheden (LOM), dat yn 2013 syn aktiviteiten staakte, noch net ferfongen is troch in oar oerlismeganisme.³⁷ Yn it ramt fan it nije generike yntegraasjebelied hat it kabinet yn 2012 besletten it LOM te ûntbinen om't men fan betinken wie dat troch fertsjintwurdiging op grûn fan etnisiteit de skiedslinen tusken dizze groepen te folle klam krigen en der gjin each mear wie foar oare aspekten fan it grutte ferskaat yn de posysje fan migranten, lykas ferskillende opliedingsnivo's, generaasjeferskillen of kulturele oriïntaasjes.³⁸

59. Neffens de autoriteiten is it LOM ferfongen troch in model fan fleksibele dialooch dat de oerheid yn steat steld om oan 'e hân fan de aktualiteit en aktuele kwestjes ferskillende groepen en yndividuën te belûken. It Riejaand Komitee is ynformearre oer in oantal foarbylden wêryn't der oerlis west hat tusken de regearing en fertsjintwurdigers fan minderheidsgroepen oer spesifike tema's, lykas mei Turkske jongeren oer sosjale ynsluting of mei Roma, Sinti en Reizgers oer húsfêsting.

³³ It Nederlânsk Sosjaal Kultureel Planburo (2016), [Integratie in zicht? De integratie van migranten in Nederland op acht terreinen nader bekeken](#) Gearfetting, p. 20.

³⁴ [European Commission \(December 2018\), Special Eurobarometer 484, Perceptions of anti-Semitism](#)

³⁵ [ODIHR Hate Crime Report Netherlands](#) De plysjesifers omfetsje meldingen fan haat oansettende útlittingen, gegevens fan de adv's, en ta haat oansettende útlittingen op ynternet. Troch de plysje registrearre haatmisdriuwen kinne opdield wurde nei strafbere feiten dy't begien binne op grûn fan foaroordielen of nei it soarte fan strafber feit, mar net tagelyk troch beide.

³⁶ ACFC Thematic Commentary No. 4, The Framework Convention: a key tool to managing diversity through minority rights. The scope of application of the Framework Convention for the Protection of National Minorities, oannommen op 27 maaie 2016, par. 54.

³⁷ Yn it yn 1997 oprjochte Lanlik Oerlis Minderheden kamen fertsjintwurdigers fan gruttere minderheidsgroepen, lykas minsken mei in Karybyske, Surinaamske, Molukske, Turkske, Marokkaanske en Tunezyske eftergrûn byinoar om de oerheid te advisearjen en ynformearjen oer yntegraasjebelied.

³⁸ *Vandebunt Adviseurs (2016), [Evaluatie Landelijk Overleg Minderhedenbeleid](#)* p. 11.

60. Nei it beslút om it LOM te ûntbinnen waard de jierlikse finansiering fan de partner-ngo's, sa'n trije miljoen euro it jier, stadichoan ôfboud. Tsjintwurdich is de finansiering foar aktiviteiten en projekten fan ngo's dy't op dit mêd wurkje, strikt earmerke. By de besite hat it Riejaand Komitee mei grutte soarch konstatare dat minderheidsgroepen grutte muoite ha om it minimum oan mienskipswurk en belangenbehertiging fol te hâlden mei help fan frijwilligers en mar in lyts tal betelle meiwurkers. In oantal fan harren fûn it spitich dat de middels ûntbrutsen om in wêzentlike bydrage oan de yntegraasje fan de Nederlânske maatskippij te leverjen út harren respektive minderheidsperspektyf wei.

61. It Riejaand Komitee hat mei grutte soarch konstatare dat in eksterne evaluaasje fan it LOM, yn opdracht fan de oerheid en yn 2016 publisearre, ta de konklúzje kaam dat de nije fleksibele oanpak minderheidsgroepen de mooglikheid ûntnimt harren eigen kwestjes op 'e aginda te setten. Dêrnjonken die bliken dat de "systematyske vroege signalering van zorgbarende ontwikkelingen of van sluimerende problemen met het overleg grotendeels is verdwenen. (...) Dit is met name zorgwekkend als wordt onderkend dat integratieproblemen alleen opgelost kunnen worden door vroegtijdige, consistente, geduldige en duurzame aandacht voor de oorzaken van deze problemen."³⁹ It Riejaand Komitee beklammet boppedat dat yn it evaluaasjerapport wol erkend wurdt dat it funksjonearjen fan it LOM net sûnder wryt of slyt wie, mar dat der wol oanbefelle waard "het netwerk van representatieve inspraakorganen te herstellen voor groepen minderheden die bijzondere aandacht vragen."⁴⁰

62. It Riejaand Komitee wiist derop dat effektive dielname fan persoanen dy't ta minderheidsgroepen hearre krúsjaal is foar in bettere sosjale koheezje; ommers, as men minderheden oan 'e sydline fan de mienskip hâldt, kin dat ta sosjale útsluting en spanningen tusken groepen liede.⁴¹ It hjoeddeistige systeem fan ad-hocoerlis is nei syn miening net duorsum, transparant en represintatyf genôch om effektive dielname te garandearjen. It biedt minderheden ek net de mooglikheden om harren eigen punten op 'e aginda te setten en mei-inoar yn kontakt te kommen.

Oanbefellingen

63. It Riejaand Komitee ropt de autoriteiten op om ynterkultureel respekt en tolerânsje yn de maatskippij te befoarderjen, ûnder oaren troch it ynstellen fan in duorsume, transparante en represintative struktuer foar it rieplachtsjen fan minderheidsgroepen en it stypjen fan maatskiplike organisaasjes fan dizze groepen.

Beskerming tsjin ta haat oansettende útlittingen en haatmisdriuwen

64. Yn it Nederlânsk Wetboek fan Strafrjocht wurde beledigjende útlittingen op grûn fan ras, it oansetten ta haat en strafbere feiten op grûn fan ras yn kêst 137 strafber steld. It Riejaand Komitee is tige ynnommen mei it feit dat it kabinet it foarnimmen hat om it strafmaksimum foar it oansetten ta haat te ferheegjen om de tendins tsjin te gean dat de frijheid fan mieningsutering - benammen online - as ûnbegrinzge beskôge wurdt.⁴² Yn it Nederlânske rjocht wurdt it hawwen fan in rasistysk motyf net as strafferswierjende omstannichheid sjoen by it begaan fan kommune delikten. Yn 2018 hat de minister fan Justysje en Feilichheid oankundige dat der in ûndersyk nei dit ûnderwerp komme sil.

³⁹ *Vandebunt Adviseurs (2016)*, [Evaluatie Landelijk Overleg Minderhedenbeleid](#) p. 43.

⁴⁰ *Ibid.*, p. 49 (oersetting troch it Riejaand Komitee).

⁴¹ ACFC Thematic Commentary No. 2, The effective participation of persons belonging to national minorities in cultural, social and economic life and in public affairs, oannommen op 27 febrewaris 2008, par. 9.

⁴² Twadde Keamer fan de Steaten-Generaal (2018-2019), Wizinging fan ûnder oaren it Wetboek fan Strafrjocht yn ferbân mei it op 'e

nij wurdearjen fan it strafberstellen fan inkelde aktuele foarmen fan delikten, [Memorie van Toelichting](#) par. 2.1.

65. Wat it iepenbier ministearje oanbelanget is der in spesjalisearre ienheid foar de ferfolging fan strafbere ta haat oansettende útlittingen en haatmisdriuwen en der hat in oantal opfallende strafsaken west, ûnder oaren tsjin prominente politisy.⁴³ Benammen op sosjale media en websiden binne ta haat oansettende útlittingen tige algemien. Sûnt de oprjochting fan it Meldpunt Ynternet Diskriminaasje (MiND), is it oantal klachten stadichoan tanommen. Yn 2017 krige it MiND 1367 klachten, in groei fan 49% neffens it jier dêrfoar. Troch haat ynjûn geweld waard yn 2017 603 kear troch de plysje registrearre; likernôch de helte fan de gefallen op grûn fan etnyske komôf.⁴⁴ Ut rapporten fan ngo's en kwalitative ûndersiken docht lykwols bliken dat de measte ynsidinten nea rapportearre wurde. Benammen persoanen dy't ta minderheidsgroepen hearre witte net by hokker ynstânsjes hja terjochte kinne of tinke dat it melden dochs neat feroarje sil.⁴⁵

Oanbefelling

66. It Riejaand Komitee moediget de autoriteiten oan om ta haat oansettende útlittingen en haatmisdriuwen op effektive wize bliuwend foar te kommen, te ûndersykjen, te ferfolgjen en strafber te stellen troch adekwate wetjouwing en ynstellingen dy't oer genôch middels beskikke en dêrnjonken persoanen dy't ta minderheidsgroepen hearre bewuster te meitsjen fan de mooglikheden fan oanjefte.

Roma, Sinti en Reizgers

Oanbefellingen út de twa foargeande monitoaring-sykly

67. It Riejaand Komitee hat de oanbefelling dien dat de autoriteiten harren dialooch mei Roma-, Sinti- en Reizgersmienskippen ferbetterje, ûnder oaren troch it ynsetten fan mediators, om de kwestje fan steateleazens te besprekken en tagong ta ûnderwiis te garandearjen, mei spesifyk omtinken foar ûnderwiis foar famkes.

Hjoeddeistige situaasje

68. Der binne ûnderskate skattingen oer it oantal Roma, Sinti en Reizgers yn Nederlân. Nederlânske Reizgers (wenweinbewenners) wurde as de grutste subgroep sjoen.⁴⁶ Der binne mar in bytsje gegevens beskikber oer de situaasje fan dizze groepen of oer diskriminaasje en anty-sigeunergefoel yn 'e maatskippij.

69. Nederlân hat gjin nasjonale strategy foar de yntegraasje fan Roma, of oarsoartich spesifyk belied foar dizze minderheidsgroep. Yn it earder neamde Nasjonaal Aksjeprogramma tsjin rasisme (2016) wurdt net spesifyk ferwiisd nei diskriminaasje fan Roma, Sinti en Reizgers.⁴⁷ Yn syn reaksje op de meidieling fan de Kommisje oangeande in EU-kader foar nasjonale strategyen foar yntegraasje fan de Roma oant 2020, neamt it kabinet syn generike belied oangeande yntegraasje, sosjale koheezje en boargerskip (2011) dat fan tapassing is op alle groepen mei in bepaalde etnyske en/of kulturele komôf, wêrûnder Roma, en beklammet dat

⁴³ Sjoch bygelyks de ferfolging fan de lieder fan de Partij voor de Vrijheid (PVV) oer syn islamofobe útspraken. Iepenbier Ministearje (2018), [Strafbare Discriminatie in Beeld 2017](#)

⁴⁴ BZK, Politie en Art.1 (2018), [Discriminatiecijfers in 2017](#)

⁴⁵ Sjoch bygelyks Ineke van der Valk (2018), [Islamophobia in the Netherlands, National Report 2017](#) yn: Enes Bayraklı, Farid Hafez, European Islamophobia Report 2018, Istanbul, SETA.

⁴⁶ ETHOS (2018), Country report on the current and historical minoritisation of Roma minorities in the Netherlands, troch Jing Hiah en Trudie Knijn.

⁴⁷ <https://www.rijksoverheid.nl/documenten/rapporten/2016/01/22/nationaal-actieprogramma-tegen-discriminatie>.

'yntegraasje net de ferantwurdlikheid fan de oerheid is mar fan migranten dy't harren hjir duorsum nei wenjen sette wolle'.⁴⁸ Dêrnjonken wurdt der in opsomming jûn fan beliedsmaatregels op it mêd fan ûnderwiis, sûnenssoarch en húsfêsting en de needsaak fan it 'bestriden fan maatskiplik ûnakseptabel en krimineel gedrach' wurdt ûnderstreke. Nederlân nimt lykwols diel oan it periodike monitoaring-proses fan de Europeeske Uny en bringt yn dit ferbân ferslach út oer in ûnbeskaat tal problemen op it mêd fan ûnderwiis, húsfêsting, wurkgelegenheid, sûnenssoarch en diskriminaasje.⁴⁹ It Riejaand Komitee hat de fêste oertsjûging dat dizze problemen, wêrfan't der in soad dúdlik ûnderling ferbân hâlde en spesifyk binne foar de belutsen groepen, om in belied freegje dat dizze kwestjes op in brede, kontekstuele en strategyske wize oanpakt.

70. Nederlân hat gjin oerlisorgaan wêryn't Roma, Sinti en Reizgers fertsjintwurdige binne en likemin ngo's dy't yn steat binne om de belangen fan de leden fan dizze heterogene groep te behertigjen. In oantal ngo's fertsjintwurdiget ferskate groepen Roma, Sinti en Reizgers út ûnderskate Nederlânske regio's, mar dy binne folslein ôfhinklik fan frijwilligerswurk en lytse projektfûnsen. Fertsjintwurdigers fan dizze ngo's wurde troch de autoriteiten op ad-hocbasis of foar in bepaald ûnderwerp rieplachte, mar der is gjin struktureel oerlis. It Riejaand Komitee hat fernommen dat der in suksesfol rieplachtingsproses west hat as tarieding op in nij húsfêstingsbelied. It Riejaand Komitee fynt it spitich dat Roma, Sinti en Reizgers net de mooglikheid ha om op strukturele wize diel te nimmen oan de beslútfoarming oer kwestjes dy't op harren fan tapassing binne. Dit soe harren yn steat stelle om net allinnich te reagearjen op troch de oerheid inisjearre fersiken, mar ek om harren eigen ideeën en kwestjes op 'e agenda te setten.

71. Sûnt 2015 jildt der in beliedskader, wêrby't jierliks 500.000 euro beskikber is foar projekten en aktiviteiten 'foar de partisipaasje en emansipaasje fan Sinti en Roma yn Nederlân'.⁵⁰ It jild is ôfkomstich fan de Stichting Rjochtsherstel Sinti en Roma (SRSR) dy't yn 2000 yn earste ynstânsje oprjochte waard troch it beteljen fan skeafergoeding oan Roma- en Sinti-slachtoffers fan de Twadde Wrâldkriich. Dizze fûnsen waarden letter troch it Nederlânsk Ynstitút Sinti en Roma (NISR) beheard. It NISR is yn 2012 ûntbûn en nei in lang proses fan oerlis mei fertsjintwurdigers fan Roma en Sinti waard besletten de fûnsen breder yn te setten. Dit belied wurdt sûnt april 2015 folge. De fûnsen wurde sûnt dy tiid beskikber steld foar ûnder oaren de betinking fan de Twadde Wrâldkriich, it tsjingeane fan diskriminaasje en foaroardielen, it fersterkjen fan de belangefertsjintwurdiging en fertsjintwurdiging, it befoarderjen fan ûnderwiis, it kreëarjen fan wurkgelegenheid, respekt foar kultuer en identiteit en advys en rjochtlinen foar mediators. Besluten oer de takenning wurde nommen troch in kommisje fan advys besteande út fiif persoanen út de Roma- en Sinti-mienskippen. It fûns wurdt beheard troch it Ministearje fan Folkssûnens, Wolwêzen en Sport. Yn 2018 waarden 18 projekten finansiere.

72. It Riejaand Komitee ferwolkommet it feit dat it beliedskader oannommen is nei oerlis mei Roma- en Sinti-fertsjintwurdigers en dat de rjochtlinen foar finansiering in breed berik

⁴⁸ Ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes (16 desimber 2011), [Policy measures in the Netherlands for the social inclusion of Roma](#)

⁴⁹ Erasmus Universiteit Rotterdam, Risbo (2015), Monitor Sociale Inclusie: vervolgmeting 1 - Earste ferfolchmjitting nei de wen- en libbensomstannichheden Roma en Sinti yn Nederlân; Erasmus Universiteit Rotterdam, [Risbo \(2017\)](#), [Monitor Sociale Inclusie: meting 3 - Tweede vervolgmeting naar de woon- en leefomstandigheden van Roma en Sinti in Nederland](#)

⁵⁰ [Beslút fêststelling subsydzjeplafond](#) en fêststelling beliedsregels oangeande Beliedskader foar de subsidiearring fan projekten en aktiviteiten foar de partisipaasje en emansipaasje fan de Sinti en Roma yn Nederlân, fan 8 april 2015.

kenne en dat Roma- en Sinti-fertsjintwurdigers belutsen binne by besluten oer de takenning fan it jild. Yndachtich de diskusjes binnen de mienskip oer oft der ek jild takend wurde mei oan oare as de 'foaroarlochske' Roma en Sinti, achtet it Riejaand Komitee it fan belang dat de autoriteiten hieltyd wer yn petear bliuwe mei de mienskip om de legitimititeit fan it wurk fan it fûns te garandearjen.

73. In oare maatregel dy't in positive fermelding fertsjinnet, is de reizgjende útstalling '*O Lungo Drom*' (De lange tocht), in projekt fan in Sinti-organisaasje dat ynformaasje jout oer de skiednis en oanwêzichheid fan Roma en Sinti in Nederlân. De útstalling is elk jier yn sa'n fiif plakken yn Nederlân te sjen. Yn 2018 koene besikers terjochte yn Arnhem, Middelboarch, Heerlen, Eindhoven en Weert. Yn 2019 krige de útstalling in plak binnen de betinking fan de deportaasje fan Roma nei it konsintraasjekamp Auschwitz op 19 maaie 1944. De teksten binne ek yn it Ingelsk oerset sadat de útstalling ek yn it bûtenlân fertoand wurde kin.⁵¹

74. De ûnderwiisposysje fan Roma, Sinti en Reizgers yn Nederlân kin as swak omskreaun wurde.⁵² It dielnimmen oan it primêr ûnderwiis wurdt as reedlik goed beoardiele en der soe mar in bytsje sprake fan skoalútfal wêze. By it fuortset ûnderwiis ûntsteane der lykwols faker problematyske situaasjes. Bern út de Roma-, Sinti en Reizgersmienskippen jouwe oan faak diskriminaasje op ûnderwiisgebiet te ûnderfinen. Dit soe resultearje yn trochferwizingen út it primêr ûnderwiis wei nei te lege nivo's op it fuortset ûnderwiis en it net fine kinnen fan staaizeplakken.⁵³

75. De wensituaasje is bûtengewoan komplisearre, sa't ek troch de autoriteiten tajûn waard by de besite. Hoewol't der in soad Sinti en - per definysje - Reizgers yn in wenwein wenje wolle op (permaninte) wenweinkampen, wenje de measte Roma, en yn it bysûnder dejingen dy't resinter arrivearre binne, yn sosjale hierwenten of yn hierapparteminten oan 'e ûnderkant fan de huzemerk.⁵⁴ Ut in yn 2018 troch de oerheid holden ûndersyk die bliken dat der 260 wenweinlokaasje mei yn totaal 7724 stânplakken binne, ferspraat oer mear as 80% fan de Nederlânske gemeenten.⁵⁵ Om't in Roma-, Sinti- of Reizgershúshâlden rûsd wurdt op in gemiddelde fan sa'n trije persoanen⁵⁶, kin oannommen wurde dat der goed 23.000 persoanen op dizze lokaasjes wenje. Ut foarneamd ûndersyk blykt ek dat 38% fan de wenweinlokaasjes eigendom is fan gemeenten en 47% fan wenkorporaasjes.

76. Yn 2018 is der in nij húsfêstingsbelied⁵⁷ troch de oerheid ûntwikkele, yn gearwurking mei fertsjintwurdigers fan Roma, Sinti en Reizgers en mei de Feriening Nederlânske Gemeenten (VNG). Dit nije kader hat it kader dat sûnt 2016 brûkt waard ferfongen. Dat kader bea gemeenten fiif farianten wat de ynstânholding fan wenweinstânplakken oanbelange. Twa fan dizze beliedsfarianten, de nulopsje (ek wol 'útstjerbelied' neamd) en de reduske-opsje ('ôfboubelied'), blykten troch de gemeenten it faakst keazen te wurden, ôfsjoen fan de

⁵¹ [European Heritage Stories Grant](#), Directorate Democratisation, Rie fan Europa, 17 oktober 2018.

⁵² Mits oars fermeld, is de ynformaasje yn dizze paragraaf basearre op [Risbo \(2017\), Monitor Sociale Inklusie: meting 3](#) p. 53.

⁵³ Risbo (2017), Monitor Sociale Inklusie: mjitting 3, p. 53.

⁵⁴ Nederlânsk kennisintrum oer diskriminaasje Art.1 (2012), [Social Thematic Study: The situation of Roma](#) p. 8-9.

⁵⁵ Ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes (2018), brief oan de Twadde Keamer,

[Aanbieding Monitor Woonwagenstandplaatsen in Nederland](#), 12 oktober 2018.

⁵⁶ FRANET Information Request on Roma and Travellers for EU MIDIS II (2017), p. 13-14.

⁵⁷ Ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes (12 july 2018), [Beleidskader gemeentelijk woonwaggen - en standplaatsenbeleid](#)

werklike fraach nei dizze stânplakken. Sinti en Reizgers dy't it Riejaand Komitee moete hat, seagen dit belied as in tekoart oan respekt foar harren kultuer, wêryn't it libjen yn wenweinen yn breder famyljeferbân in essinsjeel ûnderdiel foarmet. Petearpartners fertelden it Riejaand Komitee dat der lange wachtlisten foar de stânplakken besteane en dat guon minsken harren hiele libben wachtsje moatte. Jonge húshâldingen moatte út need yn de wenwein fan harren âlden wenjen bliuwe om't se gjin kâns meitsje op in stânplak op de lokaasje dêr't de rest fan de famylje ferbliuwt. Fan 2014 ôf hawwe der 20 saken west wêryn't it Kolleezje foar de Rjochten fan de Minske oardiele hat dat gemeenten en wenningkorporaasjes it gelikensensbegjinsel skeind ha troch it ynfieren fan dit belied.

77. It Riejaand Komitee is der wiis mei dat it nije beliedskader dúdlik basearre is op in minskerjochtenperspektyf, dat it foar it grutste part strookt mei it troch it Kolleezje⁵⁸ jûne advys en basearre is op in dialooch mei alle belutsen belanghawwers. It Riejaand Komitee konstatearre lykwols ek dat gemeenten fine dat hja ûnfoldwaande taret binne en net genôch stipe wurde by de útfiering fan dit belied.⁵⁹

78. Dêrnjonken waard it Riejaand Komitee op 'e hichte brocht fan in oantal klachten dat by de gemeentlike antydiskriminaasjefoarsjenning 'Radar' yn Eindhoven yntsjinne waard. Dy giene bygelyks oer de wegering fan in fersekeringsmaatskippij om in opstalferskering ôf te sluten foar in wenwein op in fêste lokaasje, it net besoargjen fan in tydskrift omdat it adres op in wenweinkamp is en it feit dat yn in ûndersyk nei húsfêstingswinsken by de fraach 'nei hokker soarte wenning sykje jo' de opsje 'wenweinlokaasje/stânplak' net oanjûn wurdt.

79. De arbeidsmerkposysje fan Roma en Sinti yn Nederlân wurdt karakterisearre troch in hege graad fan wurkleazens en útkearingsôfhinklikheid. Mei't in soad Roma en Sinti gjin goede oplieding hân ha, binne hja faak aktyf yn beroppen oan 'e ûnderkant fan de arbeidsmerk. Yn petearen mei ûndersikers jouwe Roma en Sinti oan dat in soad fan har wurkje wolle, mar dat dit faak ûnmooglik is om't der gjin banen binne of troch diskriminaasje.⁶⁰ Om dizze situaasje oan te pakken binne de autoriteiten fan doel in pilot te starten mei mediators om jongerein út de Roma- en Sinti-mienskip te ûnderstypjen by it fuortset en beropsûnderwiis.⁶¹

Oanbefellingen

80. It Riejaand Komitee trunet der by de autoriteiten op oan om flinke maatregels te nimmen en alle nedige stipe te bieden oan gemeenten by it ynfieren fan in non-diskriminatoir en effektyf húsfêstingbelied foar Reizgers dat strookt mei de oanbefellingen fan it Buro Nasjonale Ombudsman en it Kolleezje foar de Rjochten fan de Minske.

81. It Riejaand Komitee ropt de autoriteiten op om derfoar te soargjen dat Roma, Sinti en Reizgers effektyf dielnimme oan it opstellen fan belied troch it fersterkjen fan de organisaasje oan de basis en it ynvestearjen yn partnerskippen op basis fan in fertrouensrelaasje.

⁵⁸ Nasjonaal Kolleezje foar de Rjochten fan de Minske (2017), [Advies inzake woonwag en standplaatsenbeleid](#).

⁵⁹ Foar in petear yn 2018 tusken boargemasters en de regearing oer de ynfiering fan it húsfêstingsbelied, mei yn it ramt fan it foarkommen fan misdriuwen, sjoch: [Brief aan gemeenten over het beleidskader gemeentelijk standplaatsenbeleid](#)

⁶⁰ Risbo (2017), Monitor Sociala Inclusie: mjitting 3, p. 66-67.

⁶¹ Troch de autoriteiten yntsjinne ynformaasje.

82. It Riejaand Komitee ropt de autoriteiten op om in mear op feiten basearre, brede en strategyske oanpak te kiezen foar de oanhâldende diskriminaasje en ûngelikensens sa't dy ûnderfûn wurdt troch persoanen dy't ta de Roma-, Sinti- en Reizgersmienskippen hearre, benammen op it mêd fan ûnderwiis, húsfêsting en wurkgelegenheid.

Kêst 9 fan it Ramtferdrach

Media yn de Fryske taal

Oanbefellingen út de twa foargeande monitoaring-sykly

83. It Riejaand Komitee beklammet it belang fan *Omrop Fryslân* as de iennige Frysktalige telefyzje- en radiostjoerder en docht in berop op de autoriteiten harren yn te setten foar it behâld fan de ûnôfhinklikheid en finansjele wissichheid fan de omrop. Dernjonken ropt it de autoriteiten op om by it opstellen fan nije wetjouwing foar regionale omroppen út te gean fan de oanbefellingen fan de Kommisje Hoekstra en oerlis mei fertsjintwurdigers fan de Fryske minderheid.

Hjoeddeistige situaasje

84. Yn it ramt fan de herfoarming fan it Nederlânske regionale omropbestel en fikse besunigingen op de ryksbydrage, waard der yn de perioade tusken 2013 en 2016 diskusjearre oer it wizigjen fan de Mediawet 2008. It wetsfoarstel foarseach yn de fúzje fan regionale omroppen en harren yntegraasje yn de nasjonale omrop, wêrtroch't de ûnôfhinklikheid fan de Frysktalige omrop *Omrop Fryslân* oan bannen lein wurde soe. Nei in polityk debat oer de spesifike ferantwurdlikheid fan *Omrop Fryslân* foar it behâld en befoarderjen fan de Fryske taal, waard it wetsfoarstel úteinlik net oannommen. Yn stee dêrfan waard de ûnôfhinklikheid fan *Omrop Fryslân* garandearre troch in aparte Bestjoersôfspraak Frysk yn de Media, dy't yn 2016 sletten waard tusken de ryksoerheid en de provinsje Fryslân. Hjirmei waard de ûnôfhinklikheid fan *Omrop Fryslân* en de mienskiplike finansiering troch de ryksoerheid en de provinsje oant en mei 2018 garandearre. Mei yngong fan 2019 binne de bepalingen oangeande *Omrop Fryslân* opnommen yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2019-2023. Troch de nije oerienkomst wurdt it fuortbestean fan Omrop Fryslân as ûnôfhinklike regionale omrop wer foar fiif jier garandearre.

85. It Riejaand Komitee sjocht de oanwêzigens fan in folweardige publike omrop yn de Fryske taal as ien fan de hoekstiennen fan it boargjen fan de Fryske taalrjochten.⁶² It is dêrom bliid dat de Nederlânske autoriteiten it fuortbestean fan *Omrop Fryslân* as selsstannige ienheid oant en mei 2023 ferwissige hat. It Riejaand Komitee achtet lykwols de posysje fan *Omrop Fryslân* as kwetsber. It foarsjen fan radio- en telefyzjeútstjoeringen yn de Fryske taal wurdt net yn de Mediawet en ek net yn de Wet gebrûk Fryske taal garandearre.

86. Yn it ramt fan de herfoarming fan de regionale publike omrop, wurdt der troch de ryksoerheid gâns minder jild beskikber steld foar de publike omroppen, wêrûnder *Omrop Fryslân*. It Riejaand Komitee is him derfan bewust dat de besunigingen úteinlik minder foars wiene as yn earste ynstânsje foarsjoen waard, mar fynt it spitich dat Omrop Fryslân gâns minder te besteegjen hân hat.

⁶² Sjoch ACFC Thematic Commentary No. 3, Language rights of persons belonging to national minorities under the Framework Convention, oannommen op 24 maaie 2012, par. 41. Sjoch ek resolúsje CM/Rec(2012)1 fan it Komitee fan Ministers oer it behear fan it publike omropbestel.

It Riejaand Komitee is fan betinken dat de oanpassing fan de nije mediaomjouwing en de nedige útwreiding fan it media-oanbod fan *Omrop Fryslân* nei it ynternet en sosjale media, stabile en tarikkende personele en finansjele middels fereaskje.

87. It Riejaand Komitee ferwolkomet it feit dat, sawol neffens de foarige as de hjoeddeistige bestjoersôfspraak, op syn minst ién lid fan it tafersjochhâldend orgaan (*Orgaan dat it belied foar it media-oanbod bepaalt*) in eftergrûn hat op it mêd fan de Fryske taal en kultuer. Dêrnjonken wurdt yn de nije bestjoersôfspraak fermeld dat binnen de Ried fan Tafersjoch fan de RPO ekspertize op it mêd fan de Fryske taal en kultuer winske is. It Riejaand Komitee is fan betinken dat, sjoen it nasjonaal belang fan it Frysk as twadde offisjele taal, saakkundigens op it mêd fan de Fryske taal en kultuer net allinne winske is yn it tafersjochhâldend orgaan fan *Omrop Fryslân*, mar perfoarst ek yn it nasjonale tafersjochhâldend orgaan fan de Regionale Publike Omrop.

88. It Riejaand Komitee seach der fan op dat der yn 2017 fraachtekens set waarden by it trochjaan fan útstjoeringen fan *Omrop Fryslân* bûten de provinsje sadat ek yn oare parten fan Nederlân de programma's te sjen wiene. Yn 2017 is KPN, ien fan de twa aanbieders, opholden mei it lanlik trochjaan fan *Omrop Fryslân*. It Riejaand Komitee is bliid dat dit probleem, troch de tuskenkomst fan oare ngo's, de provinsje Fryslân en it Ministearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip, út 'e wei is. De provinsje betellet no jierliks 20.000 euro foar it trochjaan as part fan de folsleine kosten. It Riejaand Komitee is fan betinken dat publike telefyzje en radio yn de Fryske taal perfoarst beskikber wêze moatte foar persoanen dy't ta de Fryske minderheid hearre en wêr dan ek yn Nederlân wenje.

89. *Omrop Fryslân* produsearret programma's foar bern út fiif ferskillende leeftiidsgroepen (0-15 jier) dy't op woansdei en freed útstjoerd wurde. De programma's binne ek online beskikber sadat skoallen der ûnder de lessen Frysk gebrûk fan meitsje kinne.⁶³ Salang't de bestjoersôfspraak 2019-2020 rint, sil der sjoen wurde nei de ûntwikkeling fan digitale lesmetoaden en materiaal foar it fak Frysk yn de foarskoalske perioade en op skoalle.

90. Der binne gjin spesifike easken dy't nasjonale of regionale publike omroppen ferplichtsje ynformaasje oer de Fryske minderheid yn harren programmearring op te nimmen. Der wurdt lykwols wol wykliks in dokumintêre oer aktuele Fryske kwestjes útstjoerd troch de NPO (Fryslân DOK). Dizze dokumintêres wurde troch *Omrop Fryslân* yn de Fryske taal makke en wurde foarsjoen fan Nederlânske ûndertiteling. It Riejaand Komitee is hjir tige oer te sprekken en achtet it fan belang dat de lanlike publike omroppen geregeld oandacht oan Fryske kwestjes besteegje.⁶⁴

91. Twa regionale kranten, it *Friesch Dagblad* en de *Leeuwarder Courant*, wurde yn Ljouwert útjûn en beide publisearje in lyts tal artikels yn it Frysk. Fertsjintwurdigers fan beide kranten lieten it Riejaand Komitee witte dat it net maklik wie om sjoernalisten mei in Fryske eftergrûn en skriuwtalint te finen. It *Friesch Dagblad* stjoert sa no en dan sjoernalisten nei in Fryske taalkursus fan de *Afûk*. De kranten krije gjin publyk jild, dat in stimulâns wêze kinne soe

⁶³ Sjoch www.skoal.tv.

⁶⁴ Sjoch ACFC Thematic Commentary No. 3, Language rights of persons belonging to national minorities under the Framework Convention, oannommen op 24 maaie 2012, par. 41.

om de Fryske taal mear te brûken of foar taalkursussen.

92. By de besite waard de oandacht fan it Riejaand Komitee fêstige op it feit dat nei de fúzje fan gemeenten in oantal lytse pleatslike kranten, dêr't in oantal fan yn minderheidstalen skreau,⁶⁵ no konkurrearje om deselde fûnsen dy't foar dizze kranten beskikber binne. It Riejaand Komitee achtet it fan belang dat der oplossingen fûn wurde moatte foar dizze kranten dy't, nettsjinsteande de tige algemiene digitalisearing, noch altiten in wichtige boarne fan ynformaasje en identifikaasje binne foar minsken, benammen op it plattelân.

93. It Frysk is in populêre taal op de sosjale media. Saakkundigen stelle sels dat it gebrûk fan it skreaune Frysk troch de sosjale media tanimt om't Fryskpraters dit brûke om op ynformele wize mei freonen en famylje te kommunisearjen.⁶⁶ Alhoewol't neffens de berjochten de staveringsregels fan it Frysk op sosjale media net altyd folge wurde, sjocht it Riejaand Komitee it tanimmende gebrûk fan it Frysk as in teken fan fitaliteit fan dizze taal.

94. De hiemside fan *Omrop Fryslân* is yn it Frysk en datselde jildt foar de app fan de omrop. Allinnich de nijsside fan de webside en de app binne ek yn it Nederlânsk beskikber. 75% fan de nijsberjochten wurde yn it Frysk lêzen, 25% yn it Nederlânsk. It Riejaand Komitee is bliid te konstatare dat *Omrop Fryslân* deryn slagge is om it oantal besikers fan syn webside tusken 2014 en 2018 te ferdûbeljen. De allinne yn it Frysk stelde Facebook-side fan de omrop hat deis tusken de 80.000 en 120.000 unike besikers. Ut ynformaasje fan *Omrop Fryslân* blykt ek dat it hjir net allinnich om jongerein giet; 27% fan de besikers fan www.omropfryslân.nl is tusken de 60 en 75 jier.⁶⁷ It Riejaand Komitee ferwolkomet dizze ûntwikkelingen en is fan betinken dat sosjale media mooglikheden biedt dy't fan grutte wearde binne om it gebrûk fan de skreaune Fryske taal te befoarderjen.

Oanbefellingen

95. It Riejaand Komitee moediget de autoriteiten sterk oan om harren stipe foar it ek op 'e lange doer funksjonearjen fan de iennige Frysktalige omrop fan it lân bliuwend fuort te setten en te garandearjen dat dizze ek yn de rest fan it lân beskikber is.

96. It Riejaand Komitee ropt de autoriteiten op in gearhingjende strategy foar Frysktalige media te ûntwikkeljen en dêrby gebrûk te meitsjen fan nije technologyske ûntwikkelingen en de mooglikheden dy't troch sosjale media bean wurde. Dêrnjonken moat der oerwage wurde om te ynvestearjen yn heechwaardige en relevante kontint yn de Fryske taal, rjochte op een breed skala fan Fryskpraters fan alle leeftiden, dy't brûkt wurde kin troch ûnderskate soarten online- en printe media.

⁶⁵ Frysk, mar ek yn it Biltsk lykas de 'Bildtse Post', it foarbyld yn kwestje.

⁶⁶ Provinsje Fryslân (2018), *Taal fan it hert*.

⁶⁷ 18-30 jier: 21%, 31-44 jier: 22%, 45-59 jier: 30%. Ynformaasje jûn troch Omrop Fryslân.

Kêst 10 fan it Ramtferdrach

Gebrûk fan de Fryske taal yn it kontakt mei bestjoersorganen

Oanbefellingen út de twa foargeande monitoaring-sykly

97. Yn de foargeande monitoaring-sykly murk it Riejaand Komitee dat it gebrûk fan de Fryske taal by de provinsje en gemeentlike bestjoersorganen wetlik beskerme wie en spruts de ferwachting út dat it oannimmen fan de Wet gebrûk Fryske taal de praktyske tapassing fan dit rjocht fierder stimulearje soe. Hoewol't de stypjende hâlding fan de provinsjale autoriteiten yn dat ferbân ferwolkomme wurdt, hat it Riejaand Komitee de oanbefelling dien dat it brûken fan de Fryske taal ek mooglik wurde moast by kontakten mei nasjonale bestjoerlike autoriteiten yn de provinsje Fryslân. It Riejaand Komitee spruts ek syn noed út oer mooglik negative effekten foar de Fryske taalrjochten by it gearfoegjen fan gemeenten.

Hjoeddeistige situaasje

98. Yn de Wet gebrûk Fryske taal (hjernei 'de wet'), dy't op 1 jannewaris 2014 fan krêft waard, wurde besteande bepalingen út sektorwetten en wetboeken yn ien inkelde wet byinoar brocht. Yn de wet wurde it Nederlânsk en it Frysk oanwiisd as de 'offisjele talen yn de provinsje Fryslân' (kêst 2). Hoewol't in soad van dy bepalingen fan de wet al ynfiend wiene, is it wichtich dat hja yn ien inkeld dokumint fêstlein binne, tegearre mei de befêstiging dat it Frysk ien fan de twa offisjele talen fan de provinsje is.⁶⁸

99. De wet fermeldt: 'Elkenien kin de Fryske taal brûke yn it ferkear mei bestjoersorganen, foar safier't dy yn de provinsje Fryslân fêstige binne' (kêst 3.1). Dizze bepaling jildt lykwols net as it gebrûk fan it Frysk 'ta in ûnevenredige belêsting foar it bestjoerlik ferkear liede soe', wat de autoriteiten yn teory in gânse beoardielingsfrijheid jout. Provinsjale en lokale bestjoersorganen 'stelle' regels op oer it gebrûk fan de Fryske taal mei it each op it befoarderjen fan de posysje fan de taal binnen it wurkgebiet fan de organen yn kwestje. Wat de ûnderdielen fan de ryksoerheid oanbelanget, hja 'kinne' sokke regels opstelle.

100. Underdielen fan de ryksoerheid hawwe, neffens troch de autoriteiten oanlevere ynformaasje, mar yn ien gefal regels opsteld foar it brûken fan de Fryske taal. In registrearre non-profitorganisaasje hat syn finansjeel ferslach yn it Frysk yntsjinne by de belestingsautoriteiten, wat doetiids net tastien wie. Nei dit foarfal binne de regels yn 2017 oanpast en organisaasjes kinne no harren finansjele ferslaggen yn de Fryske taal yntsjinje.

101. Wat it gebrûk fan it Frysk yn kontakten mei de plysje oanbelanget, krige it Riejaand Komitee te hearren dat mûnlige ûnderfreging, sa't ek wetlik tastien is, yn de praktyk yn it Frysk bart, mar dat de prosessen-ferbaal yn it Nederlânsk opmakke wurde. Yn it proses-ferbaal wurdt de taal dêr't it petear yn holden is meastentiids sels net iens oanjûn. It Riejaand Komitee is fan betinken dat de inkelde jildichheid fan de Nederlânske skreaune oersetting en it feit dat de taal fan it petear net iens fêstlein wurdt, neidielich útpakke kin foar de belutsen

⁶⁸ Yn de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer stiet oanjûn dat, yn neifolging fan de kommisje fan saakkundigen fan it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden, de provinsje Fryslân in ferkennend ûndersyk ynstelle sil nei de helberens fan it omsetten fan de Wet gebrûk Fryske taal nei in kaderwet. Dy soe dan net allinnich slaan op it bestjoerlik ferkear en it rjochtsferkear, mar ek útwreide wurde kinne ta alle troch it Hânfêst bestrutsen gebieten.

Frysk pratende persoanen om't by de oersetting de autentisiteit fan de ferklearringen ferlern gean kin.

102. It Riejaand Komitee ferwolkomet it foarnimmen fan it Ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes, lykas dellein yn paragraaf 1.7 fan de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019-2023, dat 'hja ynsette op it fergrutsjen fan de minimale kennis fan de Fryske taal en kultuer fan de by it dossier Fryske taal en kultuer streekrjocht belutsen ryksamtners'.⁶⁹

103. Op provinsjaal nivo binne der neffens ús petearpartners sawol mûnling as skriftlik goede mooglikheden om de Fryske taal te brûken. It Riejaand Komitee konstataarre in positive hâlding tsjin it befoarderjen fan it Frysk oer, sawol op polityk nivo as by de meiwurkers dy't foar dit dossier ferantwurdlik binne. De webside fan de provinsje is yn beide talen beskikber, de measte meiwurkers prate Frysk en dokuminten oer Fryske ûnderwerpen, yn 'e romste sin fan it wurd, binne yn twa talen beskikber en soms allinnich yn it Frysk.

104. De provinsje stipet ek in grut tal projekten dat it brûken fan it Frysk yn alle aspekten fan it deistich libben makliker makket, ek foar offisjele doelen. Ien fan dy helpmiddels is it *Taalweb Frysk*, in digitaal platfoarm dat troch de Fryske Akademy ûntwikkele is en dat in foarkarswurldlist en in staveringshifker befettet, en plug-ins foar de Fryske taal foar standert software-applikaasjes lykas Word en Outlook.⁷⁰

105. It Riejaand Komitee is meidiel dat op gemeentlik nivo 96% fan de amtners Frysk ferstiet, 75% it praat en 24% har yn de Fryske taal skriftlik útdrukke kin.⁷¹

Oanbefelling

106. It Riejaand Komitee ropt de autoriteiten op te soargjen dat it rjocht om de Fryske taal te brûken yn it bestjoerlik ferkear, lykas garandearre troch de Wet gebrûk Fryske taal, yn de praktyk folslein tapast wurdt by alle publike tsjinsten, wêrûnder de wetshanthavening.

Gebrûk fan de Fryske taal yn rjochtbanken en gerjochtshôven

Oanbefellingen út de twa foargeande monitoaring-sykly

107. It Riejaand Komitee hat konstataarre dat it rjocht om Frysk te praten foar de rjochter yn de wet fêstlein is, mar fynt it tekoart oan Fryske tolken spitich. It ropt de autoriteiten op om wat dat oanbelanget mear inisjativen te ûndernimmen.

Hjoeddeistige situaasje

108. Fertochten en tsjûgen ha al sûnt lang it rjocht om Frysk te praten by in rjochtsitting yn de provinsje Fryslân, en dat rjocht leit fêst yn de Wet gebrûk Fryske taal 2014. Ek by sittings bûten de provinsje Fryslân mei Frysk praat wurde as de persoan oannimlik meitsje kin dat hy of sy him net goed genôch yn it Nederlânsk útdrukke kin.

⁶⁹ Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer, haadstik 1, par. 1.7.

⁷⁰ Sjoch <https://taalweb.fr>

⁷¹ Troch de autoriteiten yn tsjinne skriftlike ynformaasje.

109. Yn de praktyk leit de saak der wat oars hinne. Mei it yngean op 1 jannewaris 2013 fan de Wet wiziging gerjochtljke kaart waard it tal rjochtbanken en gerjochtshôven werombrocht en waard rjochtbank Ljouwert gearfoege mei oare rjochtbanken yn Noard-Nederlân en sa ûntstie de Rjochtbank Noard-Nederlân. Dizze rjochtbank hat lokaasjes yn Ljouwert, mar ek yn Grins en Assen yn de neistlizzende provinsjes. Neffens de autoriteiten wurde saken út de provinsje Fryslân by foarkar yn Ljouwert behannele, mar neffens petearpartners fan it Riejaand Komitee is dat net altyd it gefal. As reden wêrom't in saak net yn it Frysk behannele is, wurdt it ûntbrekken fan Frysktalige rjochtbankmeiwurkers en/of tolken jûn.⁷²

110. De autoriteiten koene it Riejaand Komitee gjin krektere gegevens oer it oantal Frysktalige rjochtbankmeiwurkers en tolken jaan. Sjoen it feit dat it rjocht om Frysk te praten foar de rjochter al hiel lang bestiet en foarneamde problemen al hiel wat jierren bekend binne⁷³, achtet it Riejaand Komitee it problematysk dat soksoarte gegevens net foarhannen lykje te wêzen. Om de situaasje goed evaluatearje te kinnen, soe besjoen wurde moatte hoe faak der Frysk brûkt wurdt yn rjochtsittingen en dokuminten, hoe faak der fersiken ôfwiisd wurde om it Frysk te brûken en op hokker grûnen. It Riejaand Komitee begrypt dat oanfragen by de rjochterlike autoriteiten yn it Frysk yntsjinne wurde kinne, mar dat dy automatysk yn it Nederlânsk oerset wurde en dat net registrearre wurdt dat it om in oersetting út it Frysk giet.

111. It Riejaand Komitee fynt it spitich dat der gjin spesifike bepalingen oer it brûken fan it Frysk yn it gerjochtljke ferkear opnommen binne yn de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019-2023. Yn it haadstik oer rjochterlike autoriteiten wurdt inkeld meld dat de provinsje Fryslân fan doel is om oerlis te hawwen mei de Rjochtbank Noard-Nederlân en it Hôf Arnhem-Ljouwert en dat ôfspraken apart fêstlein wurde.

112. In oantal petearpartners hat it Riejaand Komitee witte litten dat Friezen dy't harren makliker yn harren memmetaal uterje kinne as yn it Nederlânsk, dochs ynstinktyf oerskeakelje op it Nederlânsk yn konteksten as wetshandhaving of justysje om't dit as maatskiplike noarm sjoen wurdt en hja tinke dat it yn harren neidiel wurkje soe as hja Frysk prate soene. It Riejaand Komitee is hjir ûngerêst oer om't dit Fryskpraters yn soksoarte gefallen yn in efterstelde posysje pleatst.

Oanbefelling

113. It Riejaand Komitee ropt de autoriteiten op om it rjocht om de Fryske taal te brûken yn rjochtbanken en gerjochtshôven, lykas garandearre troch de Wet gebrûk Fryske taal, folslein te ymplementearjen. Dêrfoar moatte hja de situaasje monitoarje en evaluatearje, de bewustwurding fergrutsje en de nedige middels beskikber stelle om de beskikberens fan Frysktalige meiwurkers te fersekerjen.

⁷² Petearpartners ferhellen bygelyks oer in advokaat waans kliïnt Frysk prate woe. Sawol de rjochter as de offisier fan justysje wiene dêrmei akkoart, mar om't de griffier de Fryske taal net machtich wie moast de sitting yn it Nederlânsk holden wurde.

⁷³ Sjoch ek it Twadde advys oer Nederlân fan it Riejaand Komitee, goedkard op 20 juny 2013, par. 10, en it 5^e syklusferslach fan de kommisje fan saakkundigen fan it Europeesk Hânfêst foar regionale talen en minderheidstalen yn Nederlân, goedkard op 16 juny 2016, par. 53-154.

Kêst 11 fan it Ramtferdrach

Buorden en topografyske oantsjuttingen yn minderheidstalen

Oanbefellingen út de twa foargeande monitoaring-sykly

114. Yn de foargeande monitoaring-sykly konstatearre it Riejaand Komitee dat it pleatsen fan nammebuorden yn it Frysk ta de ferantwurdlikheid fan de gemeenten hearre en dat de situaasje per gemeente ferskillend is. De autoriteiten wurdt oanret harren ynspanningen te fergrutsjen om de mooglikheid ta it pleatsen fan twatalige topografyske oantsjuttingen yn de hiele provinsje Fryslân befoarderjen.

Hjoeddeistige situaasje

115. Gemeenten yn de provinsje Fryslân bepale sels oft nammen fan de gemeente, strjitten of oare topografyske gebieten yn it Nederlânsk, Frysk of yn beide talen werjûn wurde en in kopy fan dizze bestannen wurdt automatysk yn kadastrale systemen op lanlik nivo opnommen.⁷⁴

116. De provinsje Fryslân hat koartby in alfabetyske list fan plaknammen yn it Frysk op syn webside set, wat tige op priis steld wurdt.⁷⁵ Yn de haadstêd fan de provinsje, Ljouwert, mar ek yn Snits, it administrative sintrum fan de nije gemeente Súdwest-Fryslân, wie de Fryske taal by de besite fan it Riejaand Komitee lykwols net bot te sjen yn de publike romte. Guon petearpartners joegen oan dat it brûken fan Fryske plaknammen by parten fan de befolking wjerstân oproppe kinne soe. It Riejaand Komitee hopet dat mear fúzjegemeenten it foarbyld fan Súdwest-Fryslân folgje sille, dêr't plannen binne om it hiele nije administrative sintrum fan twatalige buorden te foarsjen. It Riejaand Komitee ûnderstreket de grutte symboalyske wearde fan twatalige topografyske oantsjuttingen as befêstiging dat taalkundich ferskaat wurdearre wurdt en dat yn in bepaald gebiet ferskate linguïstyske groepearingen yn goede harmony libje.

117. As lêste nimt it Riejaand Komitee der kennis fan dat, neffens petearpartners fan Fryske ngo's, oantsjuttingen yn it Frysk yn rjochtbanken of plysjeburo's yn de provinsje Fryslân in krêftich sinjaal útstriele soene dat de Fryske taal in offisjele status yn de provinsje hat.

Oanbefelling

118. It Riejaand Komitee moediget de autoriteiten oan om harren krewearjen om it pleatsen fan buorden en topografyske oantsjuttingen yn it Frysk te fergrutsjen.

⁷⁴ Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer, haadstik 3.2

⁷⁵ Alfabetyske list mei plaknammen yn it Nederlânsk en Frysk is foarhannen op <https://www.fryslan.nl/>

⁷⁶ ACFC Thematic Commentary No. 3, The Language Rights of Persons belonging to National Minorities under the Framework Convention, oannommen op 24 maaie 2012, par. 67.

Kêst 12 fan it Ramtferlach

Kennis oer nasjonale minderheden, ynterkultureel ûnderwiis en meartalichheid

Oanbefellingen út de twa foargeande monitoaring-sykly

119. By de foargeande monitoaring-sykly konstataarre it Riejaand Komitee dat de Fryske skiednis en kultuer, foar it grutste part, opnommen is yn de algemiene ûnderwiisprogramma's yn Nederlân, mar dat der yn de Nederlânske wetjouwing net in spesifike bepaling opnommen is yn relaasje ta it ûnderrichtsjen fan de Fryske skiednis en taal. It feit dat de Fryske skiednis en kultuer oan bod komt yn de *Canon van Nederland* en dat der regionale learplannen ûntwikkele waarden, waard lykwols as in positive ûntwikkeling sjoen om't dat mear autonomy mooglik makket en it lokale ferlet better wjerspegelet.

Hjoeddeistige situaasje

120. It Riejaand Komitee stelt fêst dat der yn 2013 foar de skoallen in regionaal learplan beskikber kommen is (*Kanon fan de Fryske skiednis*). It is beskikber yn de Fryske en Nederlânske taal op in digitaal ûnderwiisplatfoarm en befettet multymediamateriaal oer de Fryske skiednis en kultuer en oer de Fryske taal.⁷⁷ It bliuwt lykwols dreech om fêst te stellen yn hokker mjitte Nederlânske skoalbern dy't bûten Fryslân wenje yndied wat leare oer de Fryske skiednis en kultuer.

121. It Riejaand Komitee komplimintearret de fuortgong dy't yn de provinsje Fryslân boekt is en nimt yn dat opsicht mei wurdearing kennis fan it wurk fan de *Afûk*, dy't de befoarderding fan de Fryske taal en kultuer noch altyd ûnderstipet, sawol op skoallen as yn it ûnderwiis oan folwoeksenen, en bydroegen hat oan de ûntwikkeling fan it Fryske kurrikulum.⁷⁸ Wat de situaasje bûten de provinsje Fryslân oanbelanget, wiist it Riejaand Komitee der nochris op dat de ferplichtingen dy't opnommen binne yn kêst 12.1 fan it Ramtferdrach 'net allinne ferbân hâlde mei it ûnderwiis foar minderheden, mar ek dat foar mearderheden'.⁷⁹ Der soe in toetsing plakhawwe moatte fan de feitlike praktyk op skoallen, de ynhâld fan les- en learmateriaal en de kennis en opfettingen fan learlingen om de posysje fan de Fryske skiednis en kultuer yn it reguliere ûnderwiis goed beoardielje te kinnen.

122. Under it kopke 'Veekleurig Nederland' wurdt yn it foarneamde skiedniscurrikulum in oantal eleminten oanhelle dat it ferskaat fan it lân wjerspegelet.⁸⁰ Tolerânsje en ynterkultureel begryp, minskerjochten en respekt foar ferskaat komme yn it ferplichte fak 'boargerskipsûnderwiis' oan 'e oarder. Beide kurrikula wurde op it stuit troch it Nederlânske parlemint yngeand ûndersocht, wat de publike diskusje wer oanfjurre hat.⁸¹ It Riejaand Komitee stelt op 'e nij dat kurrikula foar skiednis en boargerskipsûnderwiis it ferskaat fan de maatskippij wjerspegele moatte en is fan betinken dat de reguliere oanpassing dêrfan net politisearre wurde mei.⁸²

⁷⁷ Regionale kanon fan de provinsje Fryslân, beskikber fia www.entoen.nu/nl/fryslan/fryslan

⁷⁸ Webside fan *Afûk*, beskikber fia <https://afuk.fr>

⁷⁹ ACFC Thematic Commentary No. 1, Education under the Framework Convention for the Protection of National Minorities, oannommen op 2 maart 2006, par. 40.

⁸⁰ 'Veekleurig Nederland', beskikber fia www.entoen.nu/nl/veekleurignederland

⁸¹ Het Parool (19 juny 2018), *Kamer: houd canon weer eens tegen het licht*

⁸² ACFC Thematic Commentary No. 1 'Education under the Framework Convention for the Protection of National Minorities,' (maart 2006), p. 11.

123. It Riejaand Komitee folget mei belangstelling de paradigmaferskowing fan it beskermjen en befoarderjen fan de Fryske taal as sadanich nei in meartalige oanpak wêrby't de Fryske taal in plak njonken it Nederlânsk en oare talen ynnimt. De trijetalige skoallen yn de provinsje Fryslân binne in foarbyld fan dizze trend en in oare is it omsetten fan de stúdzjerjochting Fryske taal en kultuer oan de Ryksuniversiteit Grins nei meartalichheid en minderheidstalen.⁸³ By de besite hat it Riejaand Komitee fernommen dat it pleatsen fan de Fryske taal yn in meartalich ramt yn 'e regel as posityf sjoen wurdt. Guon saakkundigen mei wa't it Riejaand Komitee by de besite sprutsen hat, joegen oan dat trijetalige skoallen ek bern út Nederlânsktalige húshâldingen oanlûke soene. Der hat ek ûndersyk west nei de positive effekten fan trijetalige skoallen op de taalwinning fan bern mei in migraasje-eftergrûn, dy't har mear thús fiele yn in omjouwing dêr't meartalichheid op priis steld wurdt. It Riejaand Komitee merkt op dat nei syn betinken de meartalige oanpak yn de provinsje Fryslân, njonken gâns kognitive foardielen foar yndividuën, ek bydrage kin oan begryp en gearwurking tusken de kultueren. It Riejaand Komitee hat lykwols ek begryp foar de soargen dat troch tefolle klam op meartalichheid de wearde fan de beskerming en befoarderding fan de Fryske taal as sadanich wat út it each ferlern wurde kin.

Oanbefelling

124. It Riejaand Komitee nûget de autoriteiten út om de gefolgen foar it lesjaan yn de Fryske taal yn it ramt fan in meartalige oanpak op grutte skaal beoardieljen te bliuwen.

125. It Riejaand Komitee moediget de autoriteiten oan om it opnimmen fan de Fryske skiednis en kultuer yn de algemiene kurrikula, ek bûten de provinsje, stypjen te bliuwen.

Kêst 14 fan it Ramtferdrach

Frysk yn it ûnderwiis

Oanbefellingen út de twa foargeande monitoaring-sykly

126. Yn de foargeande monitoaring-sykly moedige it Riejaand Komitee de autoriteiten oan om harren ynspanningen foar in hege kwaliteit fan Frysk ûnderwiis op alle nivo's fuort te setten, ûnder oaren troch it ûntwikkeljen fan beoardielingsynstruminten, en om it fuortbestean fan lytse trijetalige skoallen op it plattelân te beskermjen. It Riejaand Komitee nûge fierders de autoriteiten út om derfoar te soargjen dat der rekken hâlden wurdt mei de belangen fan fertsjintwurdigers fan minderheden, wêrûnder âlden, oangeande it ûnderrjochtsjen fan it Frysk.

Hoeddeistige situaasje

127. Neffens de Wet op it primêr ûnderwiis en de Wet op it fuortset ûnderwiis is it ûnderrjochtsjen fan de Fryske taal yn de provinsje Fryslân ferplichte, of it moat wêze dat Deputearre Steaten de skoallen ûntheffing ferliend hawwe. Oant 2014 waarden de keardoelen (d.w.s. de eintermen) foar de Fryske taal, lykas foar alle fakken, fêststeld troch it Ministearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip. Mei yngong fan augustus 2014 is dizze ferantwurdlikheid desintralisearre nei de provinsje Fryslân troch wiziging fan de Wet op it primêr ûnderwiis, de

⁸³ Sjoch de webside fan de bacheloropleiding [Minorities and Multilingualism](#) fan de Ryksuniversiteit Grins

Wet op it fuortset ûnderwiis en de Wet op de ekspertisesintra. Troch de provinsje Fryslân mear autonomy te jaan op it mêd fan ûnderwiisfraachstikken, fiert de oerheid de oanbefellingen fan de Stjoergroep Hoekstra út.⁸⁴

128. Op grûn dêrfan hat de provinsje Fryslân yn 2016 de Beliedsregel foar it krijen fan ûntheffing foar it fak Frysk yn it primêr en fuortset ûnderwiis fêststeld. Yn dizze regel wurde ferskate taalprofilen fêststeld al neigeraden it ûnderwiisnivo yn it Frysk, ôfhinklik fan de spesifike situaasje fan de skoalle. It heechste profyl 'A' omfettet it harkjen, praten, lêzen, skriuwen, taalbeskôging fan it Frysk en in positive hâlding foar de Fryske taal oer. Profyl 'B' ferliet in ûntheffing foar it skriuwen, profyl 'C' hâldt in ûntheffing yn foar lêzen en skriuwen ensafuorthinne. It leechste profyl 'G' stiet foar in folsleine ûntheffing fan it ûnderwiis yn it Frysk. Dy kin allinne ferliend wurde oan skoallen dy't net binnen it Fryske taalgebiet falle, lykas de Waadeilannen.

129. De folgjende stap wie it detaillearre yn kaart bringen en beoardieljen fan it oantal en de kwaliteit fan it Frysk taalûnderwiis yn alle skoallen foar primêr en fuortset ûnderwiis yn de provinsje Fryslân, wat resultearre hat yn it Taalplan Frysk,⁸⁵ dat op 30 septimber 2018 publisearre waard. Foar dit projekt hat in team fan ûnderwiiskundigen alle 423 basisskoallen en 71 middelbere skoallen yn de provinsje Fryslân besocht. It team beoerdiele it ferlet en stelde foar elke skoalle in yndividueel taalplan op. Op grûn dêrfan waarden taalprofilen tawiisd neffens boppeneamd systeem, dat om de fjouwer jier opnij besjoen wurde sil.

130. Yn it primêr ûnderwiis foldocht 32% fan de skoallen yn it Frysktalige gebiet folslein oan de doelstellingen, d.w.s. hja hawwe in folweardige Fryske taaloplieding ynklusyf skriuwfeardigens en hawwe dus in taalprofyl 'A' krigen. De oare skoallen krigen ferskillende ûntheffingen. 21% fan de skoallen is yndield yn de leechste profilen 'E' en 'F', wat benammen delkomt op 'it ûntwikkeljen fan in positive hâlding foar it brûken fan it Frysk troch harren sels en oaren oer'.⁸⁶ Ynteressant is dat, wylst de measte skoallen bûten it Fryske taalgebiet in folsleine of hast folsleine ûntheffing ha, der sân basisskoallen binne dy't dochs profyl 'B' krigen ha.

131. Yn it sekondêr ûnderwiis foldocht 44% fan de skoallen yn de Fryske regio folslein oan de eintermen en 16% fan de skoallen yn it sekondêr ûnderwiis hat de leechste taalprofilen tawiisd krigen. Twa middelbere skoallen yn it net-Frysktalige gebiet ha de profilen 'A' en 'B'.

132. De ferskillen yn taalprofilen binne te ferklearjen troch de eftergrûn fan de learlingen, wat wer gearhinget mei de skieding tusken stedsgebieten en plattelânsgebieten, mar ek mei de taaleftergrûn fan de learkrêften en it belied fan de skoalle oangeande it Frysk as fak en/of oer meartalich ûnderwiis.⁸⁷ Yn 'e takomst moatte dizze taalprofilen stadichoan ûntwikkelje nei in heger nivo, sadat tsjin 2030, lykas fêststeld yn de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer, alle skoallen yn it Fryske taalgebiet de folsleine keardoelen berikt ha en gjin parsjele ûntheffingen mear nedich ha.⁸⁸

⁸⁴ Advys fan de Stjoergroep desentralisaasje Fryske taal fan Ryk nei de provinsje Fryslân ta (Stjoergroep Hoekstra), *Fries in het onderwijs: meer ruimte, regie en rekenschap voor de provincie Fryslân, 2 July 2010*. Sjoch foar it regionale kurrikulum ek it Twadde advys fan it Riejaand komitee oer Nederlân, alinea 71.

⁸⁵ N.A. Varkevisser/A.P. Walsweer (2018), [Taalplan Frysk](#)

⁸⁶ Beliedsregel foar it krijen fan ûntheffing foar it fak Frysk yn it primêr en fuortset ûnderwiis, paragraaf 3.1.

⁸⁷ N.A. Varkevisser/A.P. Walsweer (2018), [Taalplan Frysk](#)

⁸⁸ Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer, haadstik 2.3, par. 1.

133. It Riejaand Komitee waard derfan op 'e hichte steld dat sawol beliedsmakkers as minsken út de praktyk yn de provinsje Fryslân hiel tefreden binne oer de desintralisaasje fan de foegen. It Riejaand Komitee krige de yndruk dat dit beslút in stimulâns wie foar de belutsenen op provinsjaal nivo en in grut tal belanghawwenden motivearret om gear te wurkjen oan it mienskiplike doel om de Fryske taal te befoarderjen.

134. Wat it effekt op de kwantiteit en de kwaliteit fan it ûnderrjochtsjen en learen fan de Fryske taal oanbelanget, is it noch te ier om konklúzjes te lûken. Om't it Taalplan Frysk de earste beoardieling fan dizze omfang en detaillearringsnivo is, is it net maklik om de ûntwikkelingen fan de ôfrûne fiif jier te folgjen. Ek is it absolute oantal skoallen yn de ferslachperioade ôfnommen, wêrtroch't it lestich is om ferlikingen yn de tiid te meitsjen. Sjoen de yngeande methodology fan it ûndersyk sil dit lykwols beslist in nuttich útgangspunt wêze om de foarútgong yn 'e takomst te folgjen.

135. It is dúdlik dat it oantal trijetalige (Nederlânsk/Ingelsk/Frysk) skoallen tanommen is. Wiene der foar 2012 53 trijetalige skoallen oanmeld⁸⁹, it netwurk fan trijetalige skoallen telde yn jannewaris 2019 85 skoallen.⁹⁰ Yn de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer stelt de provinsje Fryslân him as doel it persintaazje learlingen yn it trijetalige ûnderwiis te ferheegjen fan 15% yn 2018 nei 30% in 2023.⁹¹ It Riejaand Komitee is bliid mei dizze stiging. Hja waarden troch petearpartners fan *Cedin*, it sintrum foar ûnderwiistsjinsten, deroer ynformearre dat út ûndersyk fan *Cedin* bliken dien hat dat de trijetalige oanpak net allinnich positive effekten op de kennis fan de Fryske taal by bern hat, mar ek op de kennis fan de Nederlânske taal.

136. It Riejaand Komitee is der mei ynnommen dat, neffens de ynformaasje dy't de provinsje Fryslân krigen hat, it oantal eineksamens fan it middelber ûnderwiis yn it Frysk tanommen is fan 66 yn 2013 nei 138 yn 2018. It Riejaand Komitee krige lykwols ek te hearren dat it sporadysk foarkaam dat learlingen ynformeel 'oanrekommandearre' waard om yn de boppebou net it fak Frysk te kiezen en dêrtroch ûntmoedige waarden om it eineksamen Frysk ôf te lizzen. Om't de ûntwikkeling fan de skriuwfeardigens ien fan de grutte útdagingen is dy't út ûndersyk nei foaren kommen is⁹², en dy't oan 'e oarder kommen is yn de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer (sjoch kêst 5), achtet it Riejaand Komitee de oandacht foar it fuortset ûnderwiis yn it Frysk fan krúsjaal belang.

137. It Riejaand Komitee stelt mei soarch fêst dat ferskate petearpartners yn de provinsje Fryslân net alhiel tefreden wiene oer de rol fan de Ynspeksje fan Underwiis yn de ôfrûne jierren. De ynspeksje ynspektarret de skoallen ornaris ien kear yn 'e fjouwer jier, mar wat it Frysk oanbelanget hat dit foar it lêst yn 2009 west. By dizze lêste besite hat de ûnderwiisynspeksje konstataarre dat de kennis fan it Frysk by de learlingen tige útinoar rûn en dat de kwalifikaasjes fan de learkrêften en de beskikbere metoaden net tarikkend wiene foar de omstannichheden.⁹³ De persepsje fan in soad belutsenen yn de provinsje Fryslân wie lykwols

⁸⁹ Sjoch it Twadde Advys oer Nederlân fan it Riejaand Komitee, goedkard op 20 juny 2013, paragraaf 102.

⁹⁰ [Netwerk Drietelinge Scholen, www.sintrummeartaligens.nl/70/drietelinge-school.html#25](http://www.sintrummeartaligens.nl/70/drietelinge-school.html#25)

⁹¹ Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer, haadstik 2,6, par. 6.

⁹² E. Klinkenberg/R. Jonkman/N. Stefan (2018) *Taal in Fryslân - Taal yn Fryslân - de folgjende generaasje (de volgjende generatie)*

⁹³ Sjoch Ministearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip (30 juny 2011), [Brief aan de Tweede Kamer inzake onderwijs in het vak Fries opgenomen yn Bylage 1 by it Fjirde perioodyk ferslach oer Nederlân oer de útfiering fan it ECRML \(Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden\)](#).

earder dat de ûnderwiisynspeksje de ôfrûne 10 jier net genôch prioriteit jûn hat oan it Frysk as minderheidstaal. Sjoen de hjirfoar beskreaune desintralisaasje, de ûntwikkeling fan it Taalplan Frysk, in evaluaasjesysteem (GRIP) en digitale learmetoaden (Spoar 8 en Searje 36), hat de ûnderwiisynspeksje besletten om fan 2019 ôf de kwaliteit fan it Fryske ûnderwiis opnij te beoardieljen, yn nauwe gearwurking mei de provinsje Fryslân. Yn de nije Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer wurdt de rol fan de ûnderwiisynspeksje, yn frij algemiene termen, beskreaun.

138. Fan de likernôch 400 foarskoalske lokaasjes yn de provinsje Fryslân binne der 220 twatalich (d.w.s. op syn minst 50% Frysktalich) of allinnich mar Frysktalich. Yn de gruttere stêden, lykas Ljouwert en Snits, is der lykwols in tekoart oan Frysktalige of twatalige foarskoalske lokaasjes. It Riejaand Komitee hat fernommen dat der in soad âlden binne dy't harren bern foar in twatalige foarskoalske lokaasje oanmelde wolle, mar net ien fine kinne. De foarskoalske edukaasje wurdt yn Nederlân troch partikuliere beropsorganisaasjes fersoarge dy't de mooglikheid, mar net de ferplichting, ha om twatalige opsjes oan te bieden. It Riejaand Komitee fynt dit spitich en fynt it wichtich dat der in oplossing fûn wurdt om de beskikberheid fan de Fryske foarskoalske edukaasje te garandearjen dy't ek yn mear stedsgebieten oan de fraach foldwaan kin.

139. Der is in skat oan learmiddels foar bern en foarljochtingsmateriaal foar âlden en opfieders ûntwikkele om it brûken fan it Frysk by de iere taalûntwikkeling fan bern te befoarderjen.⁹⁴ By it oanjaan fan in berte by de gemeente krije âlden in presintsje. Dat bestiet út in meartalich berneboek en ynformaasje oer de foardielen fan de opfieding fan bern yn in meartalige omjouwing. It Riejaand Komitee is bliid mei dizze inisjativen dy't de âlden oanmoedigje om de Fryske taal oan harren bern troch te jaan.

140. As lêste wol it Riejaand Komitee derop wize dat it ûnderwiis yn de Fryske taal allinnich mar yn de provinsje Fryslân bestiet. Sjoen de tanimmende mobiliteit fan de befolking soe de oerheid ûndersykje kinne oft der ek yn de neistlizzende provinsjes of grutte stêden ferlet is fan de mooglikheid fan Fryske taallessen, benammen op foarskoalske lokaasjes en basisskoallen, as der genôch húshâldingen mei sa'n fraach komme.

Oanbefellingen

141. It Riejaand Komitee ropt de autoriteiten op om, yn nauwe gearwurking mei learkrêften, âlden, studinten en minderhedenorganisaasjes, alle nedige stipe te ferlienen foar de útfiering fan it Taalplan Frysk, om de doelstelling foar 2030 - in fikse tanimming fan sawol mûnlinge as skriftlike kennis fan de Fryske taal - te heljen. In foldwaande heech kwaliteitsnivo fan it ûnderwiis moat troch de ûnderwiisynspeksje garandearre en systematysk kontrolearre wurde.

142. It Riejaand Komitee moediget de autoriteiten sterk oan om maatregels te nimmen om it ûnderrjochtsjen en learen fan de Fryske taal yn it sekundêr ûnderwiis oantrekliker te meitsjen troch bygelyks lege drompels fêst te stellen foar it opstarten fan Fryske taalkursussen en troch it opheffen fan behinderingen foar de kar fan it Frysk as eineksamenfak.

⁹⁴ Sjoch bygelyks <https://heitenmem.nl/>, in inisjatyf fan de Afûk.

143. It Riejaand Komitee ropt de autoriteiten op derfoar te soargjen dat it oanbod fan Frysk- en twatalige foarskoalske lokaasjes ek yn de gruttere stêden fan de provinsje Fryslân oan de fraach foldocht.

144. It Riejaand Komitee moediget de autoriteiten oan om nei te gean oft der ek ferlet is fan de mooglikheid fan Frysk taalûnderwiis op skoallen en foarskoalske lokaasjes bûten de provinsje Fryslân.

Dosinten Frysk

Oanbefellingen út de twa foargeande monitoaring-sykly

145. Yn de foarige monitoaring-sykly seach it Riejaand Komitee de taname fan de Fryske learare-oplieding foar primêr en sekundêr ûnderwiis, dy't lykwols noch hieltyd ûnfoldwaande achte waard om oan de easken te foldwaan. De autoriteiten waard oanbefelle om it tekoart oan kwalifisearre Fryske taaldosinten oan te pakken, ek op foarskoalske lokaasjes.

Hjoeddeistige situaasje⁹⁵

146. De learare-oplieding foar leararen yn it basis- en sekundêr ûnderwiis wurdt oan de NHL Stenden Hegeskoalle jûn. Der is in ferplichte kursus foar alle takomstige learkrêften fan it basisûnderwiis (likernôch de helte fan harren is Fryske memmetaalsprekker) om de basisfeardichheden fan it Frysk lêzen en skriuwen te learen, wat oanmoedige wurdt. De formele kwalifikaasje om Frysk te ûnderwizen yn it basisûnderwiis (*foech Frysk*) is opsjoneel. Fan de 70 studinten dy't elk jier mei de stúdzje begjinne, kieze der likernôch 20 foar dit programma.⁹⁶ Der is ek in oantal dosinten dat de seis moannen duorjende kursus folget om it *foech Frysk* te heljen. It Riejaand Komitee nimt der posityf kennis fan dat der om de pear jier ek kursussen oanbean wurde op de akademyske learare-oplieding foar it basisûnderwiis oan de Ryksuniversiteit Grins.

147. NHL Stenden Hegeskoalle biedt ek in bacheloroplieding oan om yn it Frysk les te jaan yn de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis en in masteroplieding om les te jaan yn sawol de boppe- as ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis. Op dit stuit folgje 16 studinten de bacheloroplieding en fjouwer studinten de masteroplieding. Foar de learare-oplieding, foar sawol it basis- as it fuortset ûnderwiis, jildt dat it oantal studinten dat de Fryske taal studearret de ôfrûne fiif jier relatyf stabyl, mar leech west hat.

148. Alle petearpartners fan it Riejaand Komitee binne it der oer iens dat der in tekoart is oan kwalifisearre Fryske taaldosinten, sawol op basis- as fuortset nivo ûnderwiis.⁹⁷ It Riejaand Komitee hat fernommen dat guon skoallen yn 'e problemen komme as de iennige Fryske learaar siik wurdt, om't de ferfanger faak net oer de fereaske kwalifikaasjes beskikt. Neffens it lanneferslach ha de foarsitters⁹⁸ fan ferieningen fan skoalbestjoeren de autoriteiten derop wiisd 'dat it ferheegjen fan it oantal learkrêften dat it foech hat om Frysk te jaan op it stuit net harren heechste prioriteit hat' en dat 'it oan de beropsgroep sels is om dit út te fieren'. It Riejaand Komitee is fan betinken dat it fan grut belang is dat der goed kwalifisearre leararen binne dy't njonken de Fryske taal ek it Frysk as fak jaan kinne, sawol yn in twa- as meartalige

⁹⁵ It Riejaand Komitee ferwiist yn dit ferbân ek nei de resultaten en oanbefellingen fan it Fiifde rapport fan de ekspertkommisje fan de Ried fan Europa oer de ymplementaasje fan it Europeesk Hânfêst foar regionale talen en minderheidstalen yn Nederlân, goedkard op 16 juny 2016, paragrafen 142-147.

⁹⁶ Troch de autoriteiten yntsjinne skriftlike ynformaasje.

⁹⁷ Hjirby moat opmurken wurde dat der in algemien tekoart oan leararen yn Nederlân is. Sjoch ek de ynformaasje op de webside fan de Ryksoerheid, [Lerarentekort in het primair onderwijs](#)

⁹⁸ Lanneferslach, kêst 12.

situaasje en dat dit net allinnich foar de provinsjale oerheid in prioriteit wêze moatte soe, mar ek foar it Ministearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip.

Oanbefelling

149. It Riejaand Komitee ropt de autoriteiten op om it bemachtigjen fan kwalifikaasjes foar it ûnderwiis yn de Fryske taal better bekend, tagonklikker en oantreklikker te meitsjen foar potinsjele kandidaten, ûnder oaren troch finansjele en profesjonele stimulânsen foar Fryske en net-Fryske studinten en dosinten fan oare fakken.

Kêst 15 fan it Ramtferdrach

Partisipaasje

Oanbefellingen út de twa foargeande monitoaring-sykly

150. It Riejaand Komitee hat de autoriteiten oanbefelle om fertsjintwurdigers fan de Fryske minderheid te rieplachtsjen by de tarieding fan it tredde lannerapport, sadat de besteande oerlismeganismen en it Taalorganaan *DINGtiid*, sa gau't dat oprjochte is, by steat wêze sille om harren opdracht effektyf stal te jaan.

Hjoeddeistige situaasje

151. Hoewol't de provinsje Fryslân gauris ad-hocoerlis hat mei net-gûvernemintele organisaasjes (ngo's) en neffens sizzen hiel iepen is as hja troch ngo's benadere wurde, ha dizze ngo's mar amper tagong ta it ministearje dat op nasjonaal nivo ferantwurdlik is foar Fryske minderheidskwestjes. Guon petearpartners neamden de needsaak fan in 'kommissaris' of in oarsoartich 'bolwurk yn De Haach' wêrtroch't de Fryske minderheidsbelangen harren jilde litte kinne.

152. Net-gûvernemintele organisaasjes waarden by it begjin fan it ûnderhannelingsproses tusken de nasjonale en provinsjale oerheden rieplachte oer harren winsken foar de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019-2023. Guon net-gûvernemintele organisaasjes dy't de Fryske minderheid fertsjintwurdigen, melden lykwols by it Riejaand Komitee dat hja harren net genôch belutsen fielden by de fierdere fazen fan de tarieding.

153. De provinsje Fryslân hat net de beskikking oer ynstitúsjonalisearre oerlismeganismen foar ngo's dy't de Fryske minderheid fertsjintwurdigje. Sjoen it belang fan it rjocht op partisipaasje foar nasjonale minderheden, is it Riejaand Komitee fan betinken dat in regelmjittige gearkomste, netwurk of platfoarm oerwoegen wurde moat wêrby't alle ngo's dy't harren mei Fryske kwestjes dwaande hâlde, wêrûnder jongerein-ngo's, mei-inoar yn kontakt komme kinne en de provinsje advisearje kinne oer harren belied.

154. Op 1 jannewaris 2014 is in bestjoerlike weryndieling fan krêft gien, dy't der ta laat hat dat it oantal gemeenten yn de provinsje Fryslân werombrocht is fan 37 nei 12. In oantal plattelânsgemeenten mei in heech persintaazje oan Fryskpraters waard gearfoege mei mear stedsgemeenten dêr't minder Frysk sprutsen wurdt. Sa is per 1 jannewaris 2018 de gemeente Littenseradiel mei goed 80% Frysktaligen opsplitst tusken Ljouwert, Súdwest-Fryslân en de nije gemeente Waadhoeke. Mei yngong fan 1 jannewaris 2019 binne de eardere gemeenten Dongeradiel, Ferwerderadiel en Kollumerlân en Nijkrúslân opgien yn de nije gemeente Noardeast-Fryslân.

155. Yn it ramt fan de bestjoerlike weryndieling waard der op 4 novimber 2013 in oerienkomst oangeande Frysk taalbelied sletten tusken de regearing, de provinsje Fryslân en de belutsen gemeenten. Neffens kêst 5 fan de Wet gebrûk Fryske taal waarden alle gemeenten frege om tsjin 2019 in taalplan op te stellen foar de befoardering fan de Fryske taal. It Riejaand Komitee waard derfan op 'e hichte brocht dat 13 fan de 15 gemeenten yn it Fryske gebiet oan 'e ein fan 2018 sa'n belied opsteld hiene. Yn it gefal fan in fúzje wurde der ûnderhannelingen fierd oer nij Frysk taalbelied en wurdt dit goedkard. By de besite oan de gemeente Súdwest-Fryslân naam it Riejaand Komitee waar dat oan de goedkarring fan it nije taalbelied in riejaand referindum foarôfgien wie.

156. Amtners op provinsjaal en gemeentlike nivo dy't in moeting hiene mei it Riejaand Komitee, leine út dat by fúzjes fan sokke oerienkomsten yn 'e regel jildt dat de hegere noarmen fan de gemeenten mei in heech persintaazje Frysktaligen tapast wurdt op de hiele nije gemeenten. Fertsjintwurdigers fan de minderheid en in ûndersyksrapport fan it Mercator Europeesk Kennisintrum⁹⁹ sjogge de situaasje negativer. Hja sjogge de needsaak yn om de situaasje op 'e foet te folgjen en gemeenten te ûnderstypjen, sawol wat middels as praktyske advizen oanbelanget, sadat persoanen yn benammen de Fryske plattelânsgebieten net efterbliuwe as gefolch fan de fúzjes.

Oanbefelling

157. It Riejaand Komitee freget de autoriteiten derop ta te sjen dat persoanen dy't ta in nasjonale minderheid hearre, goed rieplachte wurde by it ûntwikkeljen en útfieren fan it taalbelied yn it ramt fan gemeentlike fúzjes.

158. It Riejaand Komitee wol de autoriteiten oanmoedigje om in permanint en strukturearre oerlisprogramma op te setten mei ngo's dy't de Fryske minderheid fertsjintwurdige, mei ynbegryp fan ngo's dy't harren dwaande hâlde mei jongereinsaken, en aktive maatregels te nimmen om harren te belûken by de beslútfoarmingsprosessen op alle nivo's.

Kêsten 17 en 18 fan it Ramtferdrach

Gearwurking oer de grins

Oanbefellingen út de twa foargeande monitoaring-sykly

159. It Riejaand Komitee hat de autoriteiten oanmoedige om de gearwurking mei organisaasjes fan Friezen dy't yn oare lannen wenje, fuort te setten en te stypjen.

160. De provinsje Fryslân en oare ynstellingen, yn it bysûnder de Ynterfryske Rie (*Fryske Rie*), dy't de útwikseling mei de Fryske gebieten yn Niedersachsen en Schleswig-Holstein yn Dútslân makliker makket, ûnderhâlde in grut tal aktiviteiten en relaasjes oer de grins. Dat partnerskip, dat ek it Waadgebiet omfiemet, sil de kommende jierren yntinsivearre wurde, lykas fêstlein yn de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer.¹⁰⁰ De *Fryske Rie* hat oan it Riejaand Komitee foarstellen dien foar in hechtere gearwurking tusken de Friezen yn beide lannen, fariearjend fan de ûntwikkeling fan in mienskiplike Fryske skiedniskanon en

⁹⁹ A.F. Schukking/E.L. Klinkenberg (2018), [De rol fan it Frysk by gemeentlike weryndielingen yn Fryslân](#).

¹⁰⁰ Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019-2023, haadstik 7.1, paragraaf 5.

yntegrearre Frysk-Nederlânsk-Dútsk-Ingelske learhelpmiddels oant de oprjochting fan in 'ynterfrysk kultuerparlemint.'

161. De provinsje is ek tige aktyf yn it Network to Promote Linguistic Diversity (NPLD) en dielt fia dat platfoarm kennis mei regio's yn hiel Europa. It Riejaand Komitee nimt mei tefredenheid kennis fan it feit dat de nije Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer oantoant dat de provinsje in liedende rol op him nimt yn ûnderskate Europeeske en ynterregionale projekten, om't hja fan betinken is dat de regio yndied in soad goede praktiken hat om mei oaren te dielen.

Oanbefelling

162. It Riejaand Komitee moediget de autoriteiten oan om harren aktive belutsenens by en stipe oan ynternasjonale en ynterregionale aktiviteiten oer de grins fuort te setten, ûnder oaren troch de effektive útwiksling fan goede praktiken.

III. KONKLÚZJES

164. It Riejaand Komitee is fan oardiel dat de foarlizzende slotopmerkingen tsjinje kinne as basis foar de konklúzjes en oanbefellingen oangeande Nederlân dy't troch it Komitee fan Ministers goedkard wurde moatte.

Positive ûntwikkelingen nei trije monitoaring-sykly

165. Nederlân hat in wiidweidige antydiskriminaasjewetjouwing en in goed ûntwikkele en fan genôch middels foarsjoen systeem fan organisaasjes dy't harren ynsette foar gelikense behanneling. Yn de ôfrûne monitoaring-sykly is it systeem fierder fersterke. It Kolleezje foar de Rjochten fan de Minske hat in breder mandaat as syn foargonger, de Kommisje Gelikense Behanneling. Dy organisaasje wurdt kompleetarre troch it Buro Nasjonale Ombudsman en 38 mienskiplike antydiskriminaasjefoarsjenningen. Der binne lykwols mar in pear gefallen fan ferûnderstelde diskriminaasje op grûn fan taal meld by de pleatslike antydiskriminaasjefoarsjenning yn de provinsje Fryslân en it Kolleezje foar de Rjochten fan de Minske, al wurdt diskriminaasje op grûn fan taal net eksplisyt neamd yn de wetjouwing.

166. Der is gâns foarútgong boekt yn 'e ôfrûne trije monitoaring-sykly as it giet om de beskerming fan de Fryske taalrjochten. De bestjoersôfspraken dy't alle fiif jier sletten wurde tusken de ryksoerheid en de provinsje Fryslân, binne hieltyd mear detaillearre wurden. De Wet gebrûk Fryske taal, dy't sûnt 2014 fan krêft is, is in mylpeal by it yn ien en deselde wet fêstlizzen fan it Frysk as ien fan de twa offisjele talen fan de provinsje Fryslân en it brûken fan it Frysk yn it bestjoerlik ferkear en it rjochtsferkear. In oare wichtige stap wie de desintralisaasje fan de ferantwurdlikheid foar it ûnderwiis yn de Fryske taal nei de provinsje Fryslân troch wiziging fan de Wet op it primêr ûnderwiis, de Wet op it fuortset ûnderwiis en de Wet op de ekspertizesintra.

167. Trijetalich ûnderwiis is in oar mêd dêr't dúdlik goed buorke is sûnt de earste monitoaring-sykly. Yn syn earste advys yn 2009 priizge it Riejaand Komitee de ynfiering fan it model en it bestean fan 23 trijetalige skoallen; by it twadde ûndersyk yn 2013 wie dat oantal al tanommen oant 53. Hjoed-de-dei telt it netwurk fan trijetalige skoallen al 85 skoallen. Underwilens is der in brede waaier oan metoaden ûntwikkele dy't brûkt wurde kinne by trijetalich ûnderwiis. Ut begeliedend ûndersyk docht bliken dat dy oanpak, njonken signifikante kognitive foardielen foar de yndividuën, ek bydrage kin oan mear begryp en gearwurking tusken de kultueren.

Punten fan soarch nei trije monitoaring-sykly

168. De situaasje fan Roma, Sinti en Reizgers yn Nederlân bliuwt in punt fan soarch. Diskriminaasje en ûngelikensens bliuwe ûnfermindere heech en ek libje der noch in soad stereotipe bylden binnen de mearderheidsbefolking. Mei útsûndering fan tematysk en ad-hocoerlis, lykas by it nije húsfêstingsbelied, bestiet der gjin regulier en struktureel oerlismeganisme. It Riejaand Komitee hie soarch oer it tekoart oan fertrouwen tusken Roma-, Sinti- en Reizgersmienskippen oan 'e iene kant en fertsjintwurdigers fan de autoriteiten oan 'e oare kant. It (wer) opbouwen fan it fertrouwen fan wjerskanten en effisjinte partnerskippen op sintraal en lokaal nivo is essinsjeel foar it ynfieren fan in belied dat rjochte is op it ferbetterjen fan de situaasje fan persoanen dy't ta dizze mienskippen hearre.

169. It befoarderjen fan ynterkultureel respekt en tolerânsje en it bestriden fan rasisme, islamobofy en antysemitisme bliuwe krúsjale útdagings. It Riejaand Komitee is fan betinken dat it foar de opbou fan in yntegrearre en hechte mienskip fan grut belang is dat nei alle dielen dêrfan harke wurdt en dat dy bydrage kinne oan de maatskippij dêr't hja diel fan útmeitsje. It Riejaand Komitee fynt it dan ek tige spitich dat it Lanlik Oerlis Minderheden (LOM), dat yn 2013 syn aktiviteiten staakte, noch net troch in oar oerlismeganisme ferfongen is. Hoewol't it tajout dat de LOM tekoartkommings hie, is it fan betinken dat it hjoeddeistige systeem fan tematysek oerlis mei ôfsûnderlike minderheidsgroepen, dat op ad-hocbasis troch de autoriteiten inisjearre wurdt, net garant stiet foar foldwaande rekkenskip, transparânsje en represintativiteit.

170. Dielname fan fertsjintwurdigers fan minderheden soe ek yn de provinsje Fryslân better kinne. Net-gûvernemintele organisaasjes dy't harren dwaande hâlde mei Fryske kwestjes wurde op ad-hocbasis en by bepaalde tema's rieplachte troch de provinsje Fryslân en petearpartners jouwe oan dat se trochstrings goede tagong ha ta beliedsmakkers op provinsjaal nivo. Der is lykwols gjin ynstitúsjonalisearre oerlisorgaan dêr't ngo's, wêrûnder ngo's foar de jongerein, inoar geregeld moetsje kinne, mei-inoar petearje kinne, saken op 'e agenda sette kinne en de provinsje advisearje kinne oer belied.

Oanbefellingen

171. Yn oanfolling op de maatregels dy't nommen wurde moatte om de detaillearre oanbefellingen, ferwurde yn de haadstikken I en II fan it Advys fan it Riejaand Komitee, te ymplementearjen, wurde de autoriteiten útnûge de hjirnei folgjende maatregels te nimmen om de ymplementaasje fan it Ramtferdrach fierder te ferbetterjen:

Kwestjes dy't mei faasje oanpakt wurde moatte¹⁰¹

- **Garânsje dat de útfiering fan de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019-2023 resultearret yn substansjele en bliuwende ferbetteringen fan de rjochten fan persoanen dy't ta de Fryske nasjonale minderheid hearre; garânsje dat de provinsje Fryslân alle middels kriget dy't nedich binne om de rol fan 'Taalskipper', dy't hja koartlyn op har nommen hat, útfiere te kinnen; hantearjen fan in strategyske en partisipative oanpak op alle mêden fan taalgebrûk mei bysûnder omtinken foar edukaasje en learare-oplieding, it rjocht om de Fryske taal te brûken yn de rjochtbank en it brûken fan de Fryske taal op telefyzje en yn de printe en digitale media.**
- **Garânsje fan de effektive dielnimming fan Roma, Sinti en Reizgers by de beliedsfoarming en, yn 'e mande mei de oare belutsen belanghawwers, it ûntwikkeljen fan in breed belied by de oanpak fan diskriminaasje fan Roma, Sinti en Reizgers op it mêd fan ûnderwiis, de arbeidsmerk en húsfêsting. Yn it bysûnder, it stypjen fan gemeenten by it útfieren fan it yn juny 2018 goedkarde húsfêstingsbelied.**
- **Befoarderjen fan ynterkultureel begryp en yntegraasje yn de maatskippij, ûnder oaren troch it ynstellen fan in duorsume, transparante en represintative struktuer foar it rieplachtsjen fan minderheidsgroepen en it stypjen fan maatskiplike organisaasjes fan dizze groepen.**

¹⁰¹ De ûndersteande oanbefellingen binne oardere yn folchoarder fan de korrespondearjende kâsten fan it Ramtferdrach.

Oanfoljende oanbefellingen¹⁰²

- Oannimmen fan in fleksibelere oanpak fan it tapassingsberik fan it Ramtferdrach en oangean fan in formele dialooch mei fertsjintwurdigers fan groepen dy't belangstelling ha foar de troch it Ramtferdach beane beskerming.
- Opnimmen fan de grûn 'taal' yn de Wet Gelikense Behanneling en ynvestearje yn it fergrutsjen fan bewustwurding fan antydiskriminaasjewetjouwing en de tapaslikheid dêrfan en ek de rjochtsmiddels dy't beskikber binne foar persoanen dy't ta nasjonale minderheden hearre.
- Fergrutsjen fan it krewearjen om ta haat oansettende útlittingen en haatmisdriuwen op effektive wize foar te kommen, te ûndersykjen, ferfolgjen en strafber te stellen troch middel fan adekwate wetjouwing en ynstellingen dy't oer genôch middels beskikke en dêrnjonken persoanen dy't ta minderheidsgroepen hearre bewuster te meitsjen fan de mooglikheden fan oanjefte.
- Garânsje dat it rjocht om de Fryske taal te brûken yn kontakten mei it bestjoer, lykas garandearre troch de Wet gebrûk Fryske taal, folslein yn 'e praktyk brocht wurdt by alle publike tsjinsten en benammen by de wetshanthavening, foar de rjochter en op gemeentlike nivo; benammen omtinken jaan oan it Frysk taalbelied yn de nij foarme gemeenten en de sichtberens fan de Fryske taal yn de iepenbiere romte.
- Nimmen fan alle nedige maatregels om de útfiering fan it Taalplan Frysk te garandearjen yn nauwe gearwurking mei alle belutsenen; soargje foar systematyske fuortgongskontrôle troch de Underwiisynspeksje; maatregels nimme om derfoar te soargjen dat ûnderwiis yn de Fryske taal yn de foarskoalske perioade better beskikber is en yn it fuortset ûnderwiis en as fak foar leararen oantrekliker wurdt; de needsaak ûndersykje om bûten de provinsje Fryslân ûnderwiis yn it Frysk te jaan.
- Garânsje dat fertsjintwurdigers fan de Fryske minderheid goed rieplachte wurde by de ûntwikkeling en ynfiering fan belied, ûnder oaren troch it ynstellen fan in oerlisskema mei ngo's foar Fryske minderheden, wêrûnder foar de jongerein, op provinsjaal nivo, en troch it belûken fan fertsjintwurdigers fan minderheden by it opstellen fan taalbelied yn it ramt fan gemeentlike weryndieling.

¹⁰² De ûndersteande oanbefellingen binne oardere yn folchoarder fan de korrespondearjende kêsten fan it Ramtferdrach.